

BOPPESLACH

ÛNDERWIISNOTA

PROVINSJE FRYSLAN

Provinsje Fryslân,
Novimber 2006

YNHÂLD

Foaropwurd	s. 3
1. Ynlieding: fêststellen fan it beliedsdomein	s. 4
1.1 Beliedsramt fan Provinsjale Steaten	s. 4
1.2 Rollen en foech	s. 5
1.3 Beliedsramt fan Deputearre Steaten	s. 6
2. Fisy op yntegraal taalbelied	s. 10
2.1 Meartalichheid	s. 10
2.2 Yntegraal taalbelied	s. 12
2.3 Longitudinaliteit	s. 13
2.4 Yntegraal taalbelied en it foech fan de provinsje	s. 13
2.5 Taalbelied en ûnderwiisefterstannen	s. 14
2.6 Twa oandachtspunten by de útfiering fan yntegraal taalbelied	s. 15
3. Yntegraal taalbelied per ûnderwiis sektor	s. 16
3.1 De rollen fan de partijen	s. 16
3.2 De foarskoalske perioade	s. 17
3.3 It primêr ûnderwiis	s. 21
3.4 It fuortset ûnderwiis	s. 28
3.5 De learareoplieding	s. 31
4. De kwaliteit fan it Fryske basisûnderwiis	s. 34
4.1 Doelen	s. 34
4.2 Argumintaasje / taljochting	s. 34
4.3 Oanpak	s. 36
4.4 Kosten	s. 38
5. ûnderwiis en soarch	s. 39
5.1 Doelen	s. 39
5.2 Argumintaasje / taljochting	s. 40
5.3 Oanpak	s. 41
5.4 Kosten	s. 42
6. ûnderwiismonitor en ûndersyk	s. 43
6.1 Doelen	s. 44
6.2 Argumintaasje / taljochting	s. 45
6.3 Oanpak	s. 45
6.4 Kosten	s. 46
7. Evaluaasje fan it belied	s. 47
7.1 Doelen	s. 47
7.2 Argumintaasje / taljochting	s. 48
7.3 Oanpak	s. 48
7.4 Kosten	s. 49
8. Begrutting	s. 50
8.1 Begrutting	s. 50
8.2 Ynset	s. 50
8.3 Oersjoch kosten	s. 51

ûnderwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

FOAROPWURD

It rapport fan Dr. Bernie van Ruyven, *Onderwijseffectiviteit in Fryslân*, hat antwurd jûn op de fraach oer de ferhâlding tusken it twatalich karakter fan it ûnderwiis yn Fryslân, en de tematyk fan de ûnderwiisefterstannen. Sy konkludearre dat taal- en rekkenefterstannen fan Fryske learlingen net taskreaun wurde kinne oan it feit dat in grut tal Fryske learlingen fan hûs út net-Nederlânsktalich binne. Underwiisefterstannen hawwe te krijen mei oare faktoaren. Foar in part lizze dy op sosjaal-ekonomysk mêd, mar foar in oar part hawwe dy ek te krijen mei de ynrjochting fan it ûnderwiis. De Steatewurkgroep ûnderwiis hat yn jannewaris 2005 in rapport oan de Steaten oanbean en de Steaten hawwe dêr yn febrewaris 2005 oer te set west. Wichtichste politike konklúzje fan de Steaten wie dat de Provinsje gjin rykstaken oernimt. De algemiene tematyk fan de ûnderwiisefterstannen is in rykstaak, en dêrom ek hawwe wy der achteroan west de lanlike gewichteregeling te feroarjen. Troch ferheging fan de weagingsfaktor fan 1.25 nei 1.30 en ferleging fan de drompel fan 9% nei 6.25 yn 2006, en by útfiering fan in keamermoasje sels nei 3% yn 2007, komme der mear ryksmiddels beskikber om dêroan te wurkjen.

De Steaten hawwe sein dat de Provinsje noed stean moat foar yntegraal taalbelied. Dat is yn de nota "Boppeslach" útwurke, yn it folle besef dat taalbelied en taalstimulearring elkoar reitsje en fersterkje moatte as it giet om begjinnend lêzen, technysk lêzen, begripend lêzen en it fergrutsjen fan de wurdskat. Ut ynternasjonaal ûndersyk docht bliken dat twa- of meartaligens yn it ûnderwiis – as jo dat goed en trochtocht dogge –winliken in rykdom foar bern is. Dat sjogge wy werom yn it projekt fan de Trijetalige Skoalle. Yn dizze nota hawwe wy it taalbeleid breed en systematysk útwurke foar de ferskate sektoaren fan it ûnderwiis: de foarskoalske perioade, it primêr ûnderwiis, it fuortset ûnderwiis en de learareopliedings.

De Steaten hawwe ús ek frege oandacht te jaan oan ûndersyk en monitoaring. Dit hawwe wy útwurke foar learlingesoarch yn it ûnderwiis en de ferbining mei ynstellings dy't yn de soarchsektor warber binne, lykas de jeugdsoarch, de GGD, GGZ, justysje en maatskiplik wurk.

Der hawwe 22 reaksjes west op de konsept-nota. Wy wolle de ynsprekkers tanksizze foar de reaksjes en hawwe besocht de opmerkings sa goed mooglik te ferwurkjen yn de nota.

Underwiis leit de flier yn it maatskiplik bestean fan minsken. Wy wolle dat de bern fan Fryslân de takomst treast wêze kinne. Sy moatte in goed plak fine kinne yn in hieltyd feroarjende maatskippij dêr't kennis in hieltyd gruttere rol yn spilet. Underwiis kin der mei foar soargje dat minsken har yn dy maatskippij rêde kinne.

Bertus Mulder,
Deputearre ûnderwiis provinsje Fryslân.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

1. YNLIEDING: fêststellen fan it beliedsdomein

In dit haadstuk wurdt it beliedsramt fan Provinsjale Staten op dit beliedsmêd koart gearfette. Wij behannelje de fraach wêrom at de provinsje op dit beliedsmêd belied meitsje moatte soe. Dêrnei wurkje wy it beliedsramt foar dizze ûnderwiisnota fierder út. It sintrale útgongspunt fan dizze ûnderwiisnota is it ferheegjen fan de ûnderwiiskundige kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis, sadat der in bydrage levere wurde kin oan de hichte fan it opliedingsnivo fan de Fryske befolking, en dat Fryslân optimaal partisipearje kin yn de kenniseconomy, in transysjeproses dat op dit stuit yn ús lân al folop oangiet.

1.1 IT BELIEDSRAMT FAN PROVINSJALE STEATEN

De Steatewurkgroep ûnderwiis hat oan Provinsjale Staten op fiif mêden útstellen dien oan Provinsjale Steaten. By it debat yn Provinsjale Staten wie der neist de ynhâld fan de beliedsterreinen uteraard ek omtinken foar de rol en it foech fan de Provinsje op it terrein fan ûnderwiis. Der waard terjochte konkludearre dat de Provinsje, mei útsûndering fan it belied oangeande it Frysk yn it ûnderwiis, hast gjin formeel foech hat op it terrein fan it ûnderwiis. Dêrnjonken waard de fraach steld, at de Provinsje mei dizze nota dwaande is taken fan it Ryk oer te nimmen. Oan it ein fan it debat yn de Steaten krigen twa fan de fiif troch de Steatewurkgroep ûnderwiis útstelde beliedsmêden algemiene stipe.

A. Yn it foarste plak gong it om **“in oanpak fia doelfêste stimulearring fan in beskaat tal op lêsbefoarding en foarskoalske aktiviteiten rjochte projekten dy’t relatearre binne oan de Taalnota.**

De Steatewurkgroep tinkt oan it bewust stimulearjen fan ûntwikkeljen fan brede skoallen yn lytse kearnen, ynsette op it befoarderjen fan foarskoalske edukaasje yn gearwurking mei basisskoallen, it subsidiearjen fan lêsbefoarderingsprojekten (yn ‘e mande mei biblioteken). De wurkgroep is fan betinken, dat der praat wêze moat fan in yntegraal taalbelied, dêr’t útgien wurdt fan, en ekstra omtinken is foar de meartalige situaasje, mei de Taalnota “It fanselssprekkend plak fan it Frysk” as útgongspunt.

B. It twadde breed droegen tema hat te krijen mei **ûndersyk en monitoaren**. De Steatewurkgroep konstatearret dat it oant no ta útfierde ûndersyk nei de oanwêzigheid en oarsaak fan efterstannen wer nije fragen oproppen hat. Alderearst is der ferlet fan longitudinaal ûndersyk. Dat wol sizze, der is in dúdlike ferlet om de resultaten fan learlingen oer in langere perioade te folgjen. Dat as ferfolch op it oant no ta yn opdracht fan de provinsje en de Ryksuniversiteit Grins troch de Fryske Akademy út ‘e wei setten ûndersyk. De skoalbestjoeren en skoallen hawwe der ek ferlet fan om skoallen te monitoaren en sa de finger oan de pols te hâlden. Sa ‘n foarm fan monitoaren fan meardere skoallen – of mooglik sels alle Fryske skoallen foar basisûnderwiis - kin weardefolle gegevens opsmite oer de werklike oarsaak fan de

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

efterstânsproblematyk en der foar soargje dat der op tiid beskate maatregels nommen wurde op dy plakken, dêr't it echt nedich blykt te wêzen.

1.2 ROLLEN EN FOECH

De Provinsje hat op it mêd fan it ûnderwiis hast gjin formeel foech. In dúdlike útsûndering dêrop is it beliedsmêd Frysk yn it ûnderwiis.

De Provinsje Fryslân is yn it ramt fan de Tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) ferantwurdlik foar de útfiering fan har taalbelied yn it Fryske ûnderwiis.

De Provinsje hat lykwols mei klam in posysje yn it ramt fan it algemien maatskiplik belang fan Fryslân. In goede ûnderwiiskundige kwaliteit fan it ûnderwiis en mei as gefolch dêrfan goede prestaasjes fan de Fryske learlingen binne nei ús betinken krusiaal. Yn dit kader wurde wy geregeld konfrontearre mei de problematyk dy't him op dit mêd yn Fryslân foardocht. In skoftsje lyn publisearre de ûnderwiisynspeksje in lanlike list fan tige swakke skoallen. Op dy list stean relatyf in soad skoallen út ús provinsje. Boppedat hawwe wy as Provinsje in dúdlike rol op it mêd fan ûnderwiisefterstannen op ús nommen. Wy hawwe de foarstap nommen ta de ûndersykprojekten fan de Fryske Akademy en de RU Grins en dat hat 13 gemeenten stimulearre om op dit terrein fierder ûndersyk te dwaan nei de stân fan saken op de basisskoallen.

Skoalbestjoeren en gemeenten ferwachtsje fan de Provinsje in rezjyrol, mei ek de nedige ynvestearingen. Dy ynvestearingen wurkje stimulearjend foar de skoalbestjoeren en de gemeenten. Wy kinne dan ek stelle dat ús ynvestearingen mank gean mei ynvestearingen út de skoalbestjoeren en de gemeenten wei. Sa sette dy trije partijen mei-elkoar útein foar in bettere ûnderwiiskwaliteit yn ús provinsje.

Sa wurdt der mei de al neamde partijen, de learareopliedingen, de ûnderwiisynspeksje en ekspertizessintra as: Cedin, Afûk, SFBO, CMO Partoer, de SLO ensfh. mei faasje wurke oan de realisaasje fan in Provinsjale Edukative Ynfrastruktuer (PEY).

Wy binne net fan doel en gean op de stoel fan it Ryk sitten. Út dat perspektyf wei hawwe wy ús ek by it Ryk ynset om de gewichteregeling better yn te foljen. Wy wolle yn it ramt fan de PEY struktureel in petear wêze mei it Ryk (benammen ek op it nivo fan SNN) om op in goede regionale útwurking fan it lanlike beliedsramt út te kommen. Yn dat ferbân komt der net sasear in folsleine skieding fan foech te praat, earder fan in goede gearwurking op grûn fan klearens oer rollen en ferantwurdlikheden.

1.3 BELIEDSRAMT FAN DEPUTEARRE STEATEN

It ferbetterjen fan de ûnderwiiskundige kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis is it haaddoel fan ús belied. Wy komme dat haaddoel benei út trije ynfalshoeken. Wy hantearje derby de neikommende haaddoelstelling

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

- *In 2015 heart de ûnderwiiskundige kwaliteit fan de Fryske basisskoallen by de top trije fan ús lân, sadat de Fryske jongeren goed taret binne op de kenniseconomy, in ûntwikkeling dy't tige hurd giet.*

a. Yntegraal taalbelied

Wy wolle yn it Fryske ûnderwiis útkomme op in yntegraal taalbelied. Dêrby gean wy út fan de folgjende defynysje: it bewust en planmjittich omgean mei it ûnderwiisoanbod foar de talige heterogene learlingepopulaasje.

It giet dus om it omgean mei meardere talen: Nederlânsk, Frysk, Ingelsk, oare streektalen dan wol lokale talen en allochtoane talen. Fanwege ús ferantwurdlikheid foar it Frysk yn it ûnderwiis rjochtsje we ús yn it ramt fan meartalich ûnderwiis – mei benammen in aksint op Nederlânsk, Frysk, lokale talen en Ingelsk – op de ferbettering fan de posysje fan de Fryske taal. Wy stribje dêrby nei it ferbetterjen fan de no faak te swakke posysje fan it Frysk nei in mear folsleine posysje yn it taalbelied fan de skoallen.

Krekt troch yn te spyljen op de taaleftergrûn fan de learlingen, en dy is foar aardich wat learlingen Frysk of twatalich, wurdt it taalbelied fan it ûnderwiis fierder ferbettere. Dat is goed foar de skoalkarriêre fan de learlingen.

Taalfeardigens, en benammen lêsfeardigens, is de basis fan in suksesfolle ûnderwiiskarriêre (basismotto fan it Lês Yntervinsjeprojekt Noard Nederlân LYN).

Troch it fuortsterkjen fan yntegraal taalbelied wolle wy bydrage oan it optimalisearjen fan de skoallekarriêre fan de Fryske learlingen.

Wy hantearje oangeande yntegraal taalbelied de neikommende haaddoelen:

- *Op beide Pabû's hat it Frysk yn 2010 yn it kader fan yntegraal taalbelied in substansjele posysje yn it kurrikulum fan de hiele oplieding, de oplieding oangeande it Foech Frysk hat in troch eksterne ynstânsjes ferifiearre kwaliteitsnivo op it mêd fan ynhâld en didaktyk.*
- *Yn 2015 hat de Fryske taal en kultuer op mear as de helte fan de (ûnderwiisynstellings) yn de sektoaren FSE en PÛ in substansjele posysje yn it ramt fan yntegraal taalbelied, foar wat it kurrikulumynhâld en de ûnderwiistiid oangiet.*
- *Yn 2015 slút it fuortset ûnderwiis op adekwate wize oan op it primêr ûnderwiis foar wat de Fryske taal en kultuer oangiet. Dat betsjut dat der yn elts gefal praat is fan in trochrinnende learline foar it fakgebiet Fryske taal en kultuer.*
- *De posysje fan it Frysk yn Nederlân nimt yn it ramt fan regionale talen of talen fan minderheden yn Europa in topposysje yn.*

In neiere útwurking fan dit taalbelied fine jo yn de haadstikken 2 en 3.

b. De ûnderwiiskundige kwaliteit fan it Fryske basisûnderwiis

Wy fine it tige wichtich dat skoallen foar basisûnderwiis yn de gelegenheid steld wurde om systematysk te wurkjen oan it ferbetterjen fan har ûnderwiiskundige kwaliteit. Wy gean dêrby út fan de neikommende haaddoelen.

- *De Fryske basisskoallen dy 't op grûn fan de ûnderwiiskundige kwaliteit en de leareprestaasjes as swak beoardiele wurde, hawwe yn 2011 in dúdlike op prestaasjes rjochte kultuer.*
- *Alle Fryske basisskoallen hawwe yn 2015 in eigen belied oangeande it foarkommen en bestriden fan ûnderwiisefterstannen en stimme har deistige ûnderwiispraktyk dêr ek konsekwint op ôf.*

De kwaliteit fan it basisûnderwiis stiet of falt noch hieltyd mei de learkrêften foar de klasse en de lokaasjesdirekteuren. Yn dat ramt stelle wy út benammen yn te setten op de profesjonaliteit fan learkrêften en lokaasjesdirekteuren yn it basisûnderwiis. Dat kin troch in yn oanpaste foarm en yn nau oparbeidzjen mei gemeenten en skoalbestjoeren trochgean mei de oanpak dy't bekend wurden is ûnder de namme ûnderwiiskânseplan (ÛKP).

Dit fergiet lykwols in lange azem fan minstens 8 jier. Gemeenten en skoalbestjoeren binne ree om hjir yn de mande mei de provinsje yn te operearjen en te ynvestearjen. Fan út in foar de hân lizzende ferbining tusken it (gemeentlik) ûnderwiisefterstannenbelied is dit sûnder mis de baas.

Dy lange azem makket it mooglik de efterstân op termyn om te setten en wês in reed yn 't foar. Fan it basisûnderwiis út smyt it de beëage transysje op nei in regionale kenniseconomy.

Dernjonken is der – lykas de Steatewurkgroep al oanjûn hat – ferlet fan fierder (longitudinaal) ûndersyk nei faktoaren dy 't ûnderwiisefterstannen yngeand ferklearje kinne. Dy faktoaren kinne troch aksjes sa beynfloede wurde, dat der yn de skoallen wurke wurde kin oan in ferbettering fan de learopbringst. Dêrnjonken is it ferlet om de ynspanningen fan skoallen en oerheden middels in ûnderwiismonitor te folgjen, wêrby it yn prinsipe ek mooglik wêze sil om op grûn fan de gegevens út de monitor, mooglik ek wer wittenskiplik ûndersyk útfiere te litten. Dit ûnderwerp is yn haadstik 4 fierder útwurke.

c. Soarch yn en om it basisûnderwiis

Net alle learlingen kinne sûnder ekstra soarch optimaal profyt ha fan de ûnderwiislearprosessen op de skoallen. At wy mei ús belied berikke wolle dat de Fryske learlingen goede prestaasjes delsette, sil it belied ek rjochte wêze moatte op it bieden fan soarch oan learlingen dy't dat nedich hawwe, sadat se optimaal fan it ûnderwiisoanbod profitearje kinne. Dêrby geane wy út fan de neikommende

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

haaddoelstelling:

Yn 2015 heart de soarch foar learlingen yn en om de Fryske skoallen foar basisûnderwiis by de beste en meast effektive kombinaasjes fan ûnderwiis en soarch yn ús lân.

Dat betsjut dat we ek ynsette op soarch yn en om de skoalle. Yn it ramt fan Operaasje Jong is dit wat in smel tema, mar wy wolle ús yn it ramt fan dizze ûnderwiisnota benammen beheine ta it ferbetterjen fan de ûnderwiiskundige kwaliteit fan it basisûnderwiis en sjogge dit by it tema ûnderwiiskundige kwaliteit as in foar de hân lizzende ferbettering fan it ûnderwerp learlingesoarch.

It giet dan om learlingen mei allegearre learswierrichheden, oandachtsswierrichheden en lichtere foarmen fan gedrachsmatige en psychyske swierrichheden. It is út ûndersyk en út de praktyk dúdlik dat it ûnderwiis dy soarch net allinnich foar elkoar krije kin, mar grutte foardielen helje kin út in effisjinte gearwurking mei kettenpartners, lykas jeugdsoarch, polysje, justysje, GGD, GGZJ, ensfh. Sadwaande wolle wy it belied rjochtsje op realisaasje fan brede skoallen, mar ek ús ferantwurdlikheid nimme oangeande de regionale útfiering fan it ryksbelied op it mêd fan de fernijing fan de soarchstruktueren yn it basis- en it fuortset ûnderwiis (ek wol fundearjend ûnderwiis neamd). Dit beliedsmêd is yn haadstik 5 fierdersoan útwurke.

De yn te setten aksjes moatte resultaten jaan yn de rjochting fan de nei te stribjen doelen. Yn haadstik 6 komme der in tal saken op it mêd fan monitoaren op it aljemint, wêrby der nei stribbe wurdt benammen oan te sluten op besteande systemen fan ynformaasjesamling. Dêrby is benammen ek de ûnderwiisynspeksje yn byld. Yn haadstik 7 wurdt eksplisyt sjoen nei it evaluearjen fan it belied dat yn dizze nota formulearre is. Eintsjebeslút wurdt yn haadstik 8 útlein, hoe't de finansjele middels oer de ferskate beliedsmêden ferparte wurde sille.



Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

2. FISY OP YNTEGRAAL TAALBELIED

2.1 MEARTALICHHEID

Fryslân is in meartalige provinsje. Wy binne mei it Plan fan Oanpak Frysk yn it ûnderwiis mei in realistysk belied útein set, dat rjochte is op it tagelyk ferbetterjen fan in tal aspekten oangeande de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis út it perspektyf fan yntegraal taalbelied wei.

*De basis fan ús fisy is dellein yn de nota "Fan Geunst nei Rjocht" Yn dizze nota stean twa útgongspunten sintraal: lykberjochting en lykweardigens. It earste begryp hat te krijen mei it rjocht om it Frysk net allinne thús, mar oeral yn de Fryske maatskippij brûke te kinnen. It twadde hat te krijen mei de emansipaasje fan it gebrûk fan it Frysk, dat is te sizzen, minsken moatte har frij fiele om it Frysk as taal te brûken. In útnoegjend taalbelied moat minsken dy't de Fryske taal brûke wolle, ta har rjocht komme litte, moat de minsken stimulearje om har yn harren memmetaal te úterjen. Dat is de basisbetingst foar in twatalige praktyk yn ús provinsje, want it betsjut dat eltse ynwenner fan dizze provinsje op syn minst de Fryske taal passyf goed behearskje moatte soe, dat is te sizzen, it Frysk ferstean en lêze kinne. Op grûn fan dizze konklúzje soe men, sûnder mis wat it ûnderwiis oangiet, sprekke kinne fan it tema: *Fan Rjocht nei Plicht*.*

De prinsipes fan lykberjochting en lykweardigens yn it ûnderwiis wurde tige heech oanslein troch de bepaling dy't it Ryk yn it "Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden" (Europeesk Hânfest) ûndertekene hat. Op grûn fan dit Europeeske Hânfest soe in grut part fan it primêr ûnderwiis yn it Frysk oanbean wurde moatte en soe yn it fuortset ûnderwiis it Frysk in yntegraal part fan it learplan wêze moatte.

Twa- of meartalichheid is yn in soad lannen en regio's fan Europa de deistige praktyk. Us lân is dêr gjin útsûndering op. Yn de Europeeske Uny wurdt de realiteit fan meartalichheid folslein erkend. It Europeeske belied rjochtet har op het realisearjen fan meartalichheid.

Dy meartalichheid wurdt oan de hân fan in nei te stribjen model fierder ynfold. Yn it model wurdt de winsk beskreaun dat alle Europeanen har wat taalbehearsking oanbelanget talizze moatte soene op de neikommende trije mêden.

- Elke Europeaan soe 1 of 2 (memme)talen behearskje moatte.
- Boppedat soe de Europeaan in moderne frjemde taal behearskje moatte dy't goed tsjinje kin as lingua franca.
- De Europeaan soe ek noch ien moderne frjemde taal behearskje moatte. Dêrby wurdt tocht oan de taal fan in buorlân.

Út wittenskiplik perspektyf wei is it twa of meartalich opgroeien fan bern gjin probleem. Jonge bern binne tige goed by steat om fan de berte ôf twa of mear talen te learen. De ûntwikkeling fan de harsens fan bern jout gjin beheining. Dy befiningen

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

hawwe benammen te krijen mei it simultaan learen fan twa of mear talen. It efter elkoar learen fan talen kin ek wol sukses ha as de earste taal goed ûntwikkele is en sadwaande tsjinst dwaan kin as basis foar it learen fan de twadde taal.

Funksjonearje yn de Nederlânske maatskippij is it funksjonearjen yn in maatskippij dy't neist de Nederlânske in twadde rykstaal ken: it Frysk. Ferfolgens is de Nederlânske maatskippij part fan in meartalige Europeeske Uny. Dy meartalige kontekst ferget dus in systeem fan grutbringen en ûnderwiis dat it skaaimerke hat fan profesjoneel omgean mei meartalichheid. Dêrnjonken witte we dat jonge bern maklik meardere talen leare kinne, op betingst dat der sprake is fan in goede systeemskeiding tusken de ferskate talen.

Jongeren dy't op in goede wize twa- of meartalich opgroei en oplaat wurde, kinne op kognityf en kommunikatyf mêd better prestearje, neist it feit dat sy meardere (trije of fjouwer) talen goed behearskje. Dat is yn it ramt fan meidwaan yn in mondiale kennisekonomy yn ús eagen mei klam in pree foar de jongerein en dêrom sette wy yn op it fuortsterkjen fan meartalichheid.

Tapast op de provinsje Fryslân komme wy yn alle gefallen op in trijetalich model foar it ûnderwiis: Frysk, Nederlânsk en Ingelsk. Derby wize wy der mei klam op, dat der yn Fryslân ek streektalen yn gebrûk binne as it Stellingwerfsk en het Biltsk. Sa binne der lokale fariasjes fan it meartalige model.

De skiednis fan it taalgebrûk yn Nederlân lit dúdlik sjen dat it Nederlânsk yn hast alle domeinen fan it deistich libben fierwei de dominante taal is, wêrtroch it Frysk yn in soad domeinen in wat marginale posysje ynnimt. Yn de ûndersteande tekst út it lêste ynspeksjerapport (2006) wurde de opfettings fan de skoaldireksjes primêr ûnderwiis oangeande it Frysk werjûn.

Tabel 5.4 Opfettings fan direksjes (n=400) oer it ûnderwiis yn it Frysk, yn persintaazjes (sifers 1999 binne ûntliend oan Ynspeksje fan it ûnderwiis, 2001)

<i>Wy jouwe it fak Frysk omdat:</i>	1999	2004/2005
it wetlik ferplichte is	27	35
learlingen yn in twatalige situaasje funksjonearje kinne moatte	38	30
we in bydrage leverje wolle ta it behâld fan de Fryske taal en kultuer	21	25
we de spjalt tusken thústaal en skoalletaal foar learlingen oerbrêgje wolle	12	8
Kombinaasje fan útgongspunten	2	-
net fan tapassing (gjin Frysk op skoalle)		2

Twa prosint fan de skoallen jout nei eigen sizzen gjin Frysk. Dy skoallen, dy't gjin formele ûntheffing hawwe, binne benammen te finen yn Ljouwert en it Bilt. Ferlike mei 1999 binne der no mear skoallen dy't Frysk jouwe omdat it wetlik ferplichte is. In bydrage leverje oan it behâld fan de Fryske taal en kultuer is yn 2004/2005 faker neamd as yn 1999. Oare redenen, lykas it oerbrêgjen fan de kleau tusken skoalle- en thústaal en yn omtinken nimme dat learlingen no ienkear yn in twatalige situaasje funksjonearje moatte (feitlik de redenen dy't it meast ûnderwiiskundich fan aard binne), binne minder faak neamd as yn 1999. Dy trend is ek neffens eardere mjittingen yn 1981 en 1988 al sinjlearre (Ynspeksje, 2001).

Leararen dy't Fries jouwe, dogge dat benammen fanwegen it behâld fan de Frysk taal en kultuer (37 prosint; leararen hawwe dy opfetting dus faker as direksjes) of de wetlike ferplichting (31 prosint). De

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

twatalige situaasje is de wichtichste reden foar 23 prosint fan de leararen, wylst njoggen prosint de kleau tusken skoalle- en thústaal oerbêgje wol. Leararen út de ûnderbou neame dy lêste reden faker as leararen út de boppebou, dy't relatyf faak ferwize nei de wetlike ferplichting.

2.2 YNTEGRAAL TAALBELIED

By yntegraal taalûnderwiis giet it om it systematysk stimulearjen fan alle aspekten fan de taalûntwikkeling by de learlingen. It giet dan om it stimulearjen fan alle domeinen fan de taal: ferstean, lêze, sprekke, skriuwe en taalskôging. As men sterk it aksint lizze wol op de taalûntwikkeling fan bern, dan is fiif lesieren foar de taal as fak net foldwaande. Dêrom wurdt der pleite foar it systematysk omtinken jaan oan talige ûnderwerpen by de oare fakken, lykas: wrâldoriïntaasje, rekkenje, gymnastyk ensfh. It taalûnderwiis wurdt dan in substansjeel en yntegraal spearpunt yn it kurrikulum fan de skoalle.

Wy krije út publikaasjes op dit mêd noch wol ris de yndruk dat it by yntegraal taalbelied hast allinnich mar giet om de Nederlânske taal. It is tige wichtich dat de learlingen dy taal goed behearskje, mar we hawwe it hjir út it perspektyf wei fan de learlingen oer meardere talen.

Yn de Provinsje Fryslân gean de earste stappen oangeande yntegraal taalbelied oer it hiele kurrikulum fan it ûnderwiis, mar sûnder mis ek oer meardere talen. Der is in lyts tal basisskoallen dat al jierren eksperimintearret mei in trijetalige basisskoalle. Dat betsjut dat de learlingen yn de groepen 1 oant en mei 6 ûnderwiis krije yn twa talen: Nederlânsk en Frysk. Fan groep 7 ôf komt dêr noch de Ingelske taal by. De term yntegraal taalbelied is út taalkundich eachpunt besjoen in pleonasme. Dat wurdt dúdlik as we sjogge nei in faak brûkte definysje fan taalbelied. *It bewust en planmjittich omgean mei it ûnderwiisoanbod foar de talige heterogene learlingepopulaasje.* Yn dy definysje is meartalichheid op himsels al opnommen. Yn de praktyk fan it Fryske ûnderwiis is dy meartalige kontekst by taalbelied, seker oangeande de Fryske taal, net de wenstige situaasje. Dêrfandinne hanthavenje wy de term yntegraal taalbelied, om dêrmei dúdlik te meitsjen dat it Frysk út de marginaliteit wei, ta in fanselsprekkend elemint sjoen wurde moat fan de talige heterogene learlingepopulaasje.

Yntegraal taalbelied is belied dat foarm jout oan in optimale taalûntwikkeling by de learlingen op it mêd fan twa of mear talen, wêr't de talen net allinnich as fak by op it aljemint komme, mar ek as fiertaal en ynstruksjetaal by oare fakken brûkt wurde. De talen komme net altyd perfoarst skieden oan bod, mar wurde teffens yn relaasje mei elkoar, oan 'e oarder steld. Dan komt it twa- of meartalich ûnderwiislearproses te praat. Yn sokke situaasjes is it net altyd te meien dat de ferskillen yn behearsking fan in taal tusken de learlingen grut is. Sa kin men jin in biologyles yntinke wêr't it Frysk de ynstruksjetaal is, mar wêr 't in pear Nederlânsktalige learlingen it Nederlânsk brûke, omdat se it Frysk noch net goed prate kinne.

Yntegraal taalbelied is yn ús eagen kurrikulumbreed omtinken foar meardere talen dy't gearhingje mei elkoar, wêrtroch de taalûntwikkeling fan learlingen in ynhâldlik tige wichtige

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

komponint is fan pjutteboartersplakken en it basisûnderwiis.

Dy oanpak komt oerien mei de nije didaktyske wurkwize fan it taalûnderwiis, dat ûnder de namme op taken rjochte taalûnderwiis it taalwinnen fan alle learlingen (ek dy fan efterstânslearlingen) optimaal stimulearje wol yn oerienstimming mei de nije keardoelen foar it primêr ûnderwiis oangeande it Frysk en it Nederlânsk.

2.3 LONGITUDINALITEIT

De prinsipes fan meartalichheid en yntegraal taalbelied foarmje de basis foar it tinken yn in tal trochgeande linen neist elkoar (de ûntwikkeling fan de taalfeardigens yn it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk), mar ek yn relaasje mei elkoar (talen op ferskate aspekten ferlykje).

Yn it ferline wie it sa dat yn it ûnderwiis it Frysk allinnich mar sjoen waard as in opstapke foar it Nederlânsk. Fan út dy fisy wie it omtinken foar it Frysk likernôch beheind ta groep 2 of 3, dêrnei wie der allinnich mar omtinken foar it Nederlânsk. Sa is de oandacht foar Ingelsk yn it basisûnderwiis oant no ta benammen rjochte west op de groepen 7 en 8, wêrby it Ingelsk yn it Basisûnderwiis (IYBÛ) sjoen waard as opstap nei Ingelsk yn it FÛ. De lêste jierren is der in soad belangstelling foar it op jonge leeftyd oanleare fan dy taal.

Wy fine in optimale meartalige taalûntwikkeling (Frysk, Nederlânsk en Ingelsk) foar de yndividuele foarming en de beropskwalifikaasje fan learlingen yn Fryslân essinsjeel. Wij rjochtsje ús op in systematysk yntegraal taalûnderwiis fan de foarskoalske perioade ôf, oan it ein fan it fuortset ûnderweis, útrinnend yn meartalich beropsûnderwiis yn mbû en hbû en universiteit.

Wy fine dat dit berikt wurde moatte soe troch yntegraal taalûnderwiis en trochrinnende learlinen fan de foarskoalske perioade ôf oant en mei it beropsûnderwiis.

2.4 YNTEGRAAL TAALBELIED EN IT FOECH FAN DE PROVINSJE

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) binne de doelstellings op it mêd fan de Fryske taal en kultuer formulearre. Om in grut part fan dy doelstellings foar elkoar te krijen, binne de Provinsje en it Ryk mei-elkoar ferantwurdlik. Yn de praktyk docht bliken dat de ferantwurdlikens fan it Ryk net folle fierder giet as it jierliks beskikber stellen fan de doele-útkearing Frysk. Dat betsjut dat yn de praktyk de Provinsje in grutte ferantwurdlikheid hat foar it yntegrale taalbelied. Wy sille trochgean mei ús yn te setten foar it formulearjen en fêstlizzen fan it foech fan de Provinsje op dit mêd. In wichtige konsekwinsje fan dit regionale foech oangeande yntegraal taalbelied soe it sadanich fasilitearje fan de Provinsje (formaasje en finansjele middels) wêze moatte, dat wy dit regionale foech ek wier meitsje kinne. It boppesteande is dan ek in fêst punt yn it oerlis mei de minister.

In wichtich part fan dizze realisaasje fan regionaal foech is in goede gearwurking en ôfstimming mei it wurk fan de Ynspeksje fan it ûnderwiis. It betsjut foar it yntegrale taalbelied dat de ynspekteurs dy 't wurkje yn de provinsje Fryslân betûft binne op it mêd fan yntegraal taalbelied en op grûn derfan ek optimaal ynset wurde kinne foar

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

har ynspeksjetaken op dit mêd. Wy pleitsje dan ek foar in Fryske taakgroep by de Ûnderwiisynspeksje.

2.5 TAALBELIED EN ÛNDERWIISEFTERSTANNEN

Resint wittenskiplik ynsjoch oer meartalichheid toant oan dat meartalichheid, mits men de taalûntwikkeling op in wittenskiplik ferantwurde wize stimulearret, in rykdom is foar de learlingen.

Op basis fan âlde teoretyske noasjes oer de beheining fan it minsklike brein waard tige de klam lein op dat der yn de harsens mar plak wêze soe foar it learen fan 1 taal. Fan út dy optyk wurdt de Fryske taal sjoen as in handicap foar het learen fan it Nederlânsk; de dominante taal yn ús ienheidssteat.

Wy moatte konstatare dat dy ferâldere wurktheory hjir en dêr yn it ûnderwiis perfoarst noch neifolgers hat.

Boppedat hat ûndersyk aantoad dat de taaleftergrûn (Frysk) gjin ferklearjende faktor is foar de yn Fryslân konstataarre ûnderwiisefterstân. It binne sosjaal ekonomyske faktoaren en faktoaren op it mêd fan de ûnderwiiskundige kwaliteit fan de skoallen dy't de ûnderwiisefterstannen ferklearje.

Dat betsjut oan de oare kant ek dat in goed yntegraal taalbelied op de Fryske basisskoallen de ienige oplossing wêze soe foar de ûnderwiisefterstân. It is ien fan de tema's wêr't it belied har op rjochtet, neist it ferheegjen fan de ûnderwiiskundige kwaliteit fan de leararen en it bieden fan optimale kombinaasjes fan soarch en ûnderwiis foar learlingen dy't ekstra soarch nedich hawwe. It is fan út in wittenskiplike benadering suver om goed yntegraal taalbelied yn it ûnderwiis te formulearjen yn termen fan it nimmen fan in foarsprong. Meartalichheid as rykdom, ek foar de learlingen mei minder kognitive en talige kapasiteiten.

Learlingen dy't op it talige en kommunikative nivo minder kapasiteiten hawwe, wurde net hindere troch meartalichheid; sy sille lykwols minder goed prestearje as de learlingen dy't op dizze diminsjes oer mear kapasiteiten beskikke.

Wy beskôgje yntegraal taalbelied en goed meartalich ûnderwiis net allinnich as in middel om by te dragen oan it ynrinnen fan ûnderwiisefterstannen, mar we sjogge it benammen ek as in ynstrumint om learlingen op de talige diminsje en op inkele algemiene kognitive feardichheden it nedige ekstra mei te jaan. Dy ekstra's binne tige wichtich by it stribjen, om de Fryske befolking de kommende jierren folle mear meidwaan te litten yn de kennisekonomy, dy't sterk yn opkomst is.

2.6 TWA OANDACHTSPUNTEN YN DE ÚTFIERING FAN YNTEGRAAL TAALBELIED

By de útfiering fan it yntegraal taalbelied wolle wy de kommende perioade ekstra omtinken jaan oan de trochrinnende learlinen fan de foarskoalske perioade oant en mei it fuortset ûnderwiis en beropsûnderwiis (longitudinaliteit) en de organisaasje fan de útfiering fan it belied yn de foarm fan Koördinaasje- en Advysgroepen (KAG's).

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

Yn ferskate ûnderwiissektoaren binne de lêste jierren goede ûntwikkelingen west, mar it wurdt no heech tiid en set yn op in goede ferbining tusken dy ûnderwiissektoaren. De ûntwikkelingen yn de foarskoalske perioade freegje om in goede trochgeande line – kwa learynhâld likegoed as kwa didaktyk en metodyk – foar de ûnderbou fan it basisûnderwiis. De trochgeande line tusken het PÛ en It FÛ is in folgjend tema dat ekstra omtinken ha moat. Yn it PÛ sil it materiaal fan Studio F ymplementearre wurde. In pear basisskoallen binne dwaande mei it ynfieren fan de Trijetalige Skoalle en wer oare skoallen sille it Frysk fierdersoan útwurkje yn it ramt fan de didaktyk fan Kânsrike Taal. Dit hat wat de trochgeande line oangiet wol konsekwinsjes foar de oansluting fan it PÛ en It FÛ.

De organisaasje fan de útfiering fan it belied Frysk yn it Ûnderwiis is organisearre yn in tal KAG's. Wat de ûntwikkelingen en de beliedsmjittige ambysjes oanbelanget, is it wichtich nei te gean oft dy organisaasjestrutuer effisjint en efektyf neamd wurde kin yn it ramt fan de te berikken doelstellings. Wy sille de kommende perioade brûke om dit út te sykjen en mooglik foarstellen dwaan om de effisjinsje en effektiviteit fan de organisaasje fierdersoan te ferbetterjen.

Yn in wat breder perspektyf as yntegraal taalbelied – tink oan de relaasje tusken ûnderwiis en soarch en tusken ûnderwiis en arbeidsmerk, wurdt in fergelykbere analyse dien. It is de fraach at it net ferstannich is dy ûntwikkelings oan elkoar te ferbinen.

Yn it neikommende haadstik wurkje wy de yntinsivearring fan ús yntegrale taalbelied per ûnderwiissektoar fierder út.



Studio F: skoaltelevyzje slút oan by nije metoade

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

3. YNTEGRAAL TAALBELIED PER ÛNDERWISSSEKTOR

Yn dit haadstik wurkje wy it yntegrale taalbelied foar fjouwer ûnderwiissektoaren fierder út. It giet om: de foarskoalske perioade (pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen), it basisûnderwiis, it fuortset ûnderwiis en de learareopliedings (Pabû's CHN en NHL en de learareoplieding FÛ fan de NHL). We begjinne yn dit haadstik mei in koarte omskriuwing fan de rollen fan de partijen, sa as wy it yn it ramt fan dizze nota foar eagen ha.

3.1 DE ROLLEN FAN DE PARTIJEN

De Provinsje Fryslân hat de foarstap nommen ta ûndersiken dwaan te litten oer de ûnderwiisefterstannen yn Fryslân. Formeel sjoen hat de Provinsje net folle foech op it mêd fan ûnderwiis, mei útsûndering fan it mêd fan yntegraal taalbelied. Dat betsjut dat wy in rol kieze dy't past by de taken en it foech fan gemeenten en ûnderwiisynstellings en oare partners.

De Provinsje is de earstferantwurdlike ynstânsje foar it yntegrale taalbelied. Fan út Deputearre en Provinsjale Steaten útsprutsen soarch oer goed kwalitatyf ûnderwiis as basis foar in optimale ûntwikkeling fan de jongerein ta maksimaal oplate folwoeksenen, komme wy mei in fisy oer de winske kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis. Op grûn fan dy fisy wolle wy de belutsen ûnderwiisynstellings, lokale oerheden en oare ynstellings stimulearje, mei-elkoar út ein te setten om de formulearre doelen foar elkoar te krijen.

In dizze ûnderwiisnota wurde in grut tal konkrete doelen en winske resultaten formulearre. Per subdoelstelling wurdt oanjûn troch hokker aksjes we dit klear krije sille.

Foar in part fan de doelstellingen is de Provinsje primêr ferantwurdlik. Yn dat gefal brûke wy de term 'winske resultaat (WR)'.

A. *Provinsjale ferantwurdlikheid: Winske Resultaat WR.*

De Provinsje is de haadferantwurdlike op dit flak. Dit jildet benammen foar it taalbelied. De Provinsje sil yn it ramt fan dy ferantwurdlikheid de aktiviteiten op beliedsmjittich nivo koördinearje en yn 'e mande mei belutsen partijen út de Koördinaasje- en Advysgroepen (KAG's) en de Stjoergroep Frysk yn it Ûnderwiis oanstjoere.

Yn de oare gefallen binne oare partijen primêr ferantwurdlik. Foar de foarskoalske edukaasje (FE) binne de gemeenten ferantwurdlik. Op ferskate oare mêden binne de skoalen primêr ferantwurdlik (bgl. it lânlik ûnderwiisefterstannenbelied). Yn in pear gefallen is er min ofte mear sprake fan in kollektive ferantwurdlikheid. Yn al dy gefallen brûke wy de term "doelen (D)". Foar de dúdlikens sille wy dy ferantwurdlikheden koart taljochtsje.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

B. *In kollektive ferantwurdlikheid.*

It giet hjir om doelstellings fan algemien maatskiplik belang. Meastentiids is it in oerheid of ynstelling dy 't primêr ferantwurdlik is foar it realisearjen fan de doelstelling. Wat dit algemien maatskiplik belang oangiet, formulearret de Provinsje yn dizze nota de oanbelangjende doelstelling en trunet de belutsen partijen oan, dit doel foar elkoar te krijen. De provinsje hat mei oare wurden in rezjyrol en de belutsen ynstellings wurde oantrune om har ferantwurdlikheid te nimmen, sadat it doel ek yndie helber is.

C. *Gemeentlike ferantwurdlikheid*

De gemeenten binne wat it oanbelangjende ûnderwerp oangiet primêr ferantwurdlik, lykas bygelyks op it mêd fan FSE it gefal is.

It leit yn 'e reden dat de gemeenten dy aktiviteiten koördinearje en oanstjoere.

De belutsen ynstellings en de Provinsje wurde op effisjinte wize op 'e hichte holden.

D *Skoalferantwurdlikheid*

Op hieltyd mear mêden binne de skoallen primêr ferantwurdlik. It leit foar de hân dat de skoalbestjoeren, boppeskoalske direksjes en lokaasjedirekteuren dy aktiviteiten koördinearje en oanstjoere. De Provinsje en oare partijen wurde op in effisjinte wize op 'e hichte holden fan de aktiviteiten. Provinsje en gemeenten stimulearje en stypje it skoalfeilich by it realisearjen fan de doelstellings.

Hoe beskriuwe we de doelstellings yn dizze nota?

Yn de kommende haadstikken beskriuwe we mei-inoar 35 doelstellings. Dy doelstellings binne nûmere. Foar in doelstelling sette wy derby at it in doel (D) is of in winske resultaat (WR). De provinsje is primêr ferantwurdlik foar in winske resultaat. By in doel is in oare ynstânsje primêr ferantwurdlik of it giet om in kollektive ferantwurdlikheid.

At der sprake is fan in doel, dan wurdt dêrûnder in winske resultaat (WR) formulearre dêr 't de Provinsje op ôf te rekkenjen is.

3.2 DE FOARSKOALSKE PERIOADE

DOELEN

Yn haadstik 1, paragraaf 1.3a, hawwe wy it haaddoel op it mêd fan it yntegrale taalbelied al werjûn: *beide Pabû 's hawwe it Frysk yn 2010 yn it ramt fan yntegraal taalbelied in substansjele posysje by it kurrikulum fan de hiele oplieding jûn en de oplieding foar it Foech Frysk hat in troch eksterne ynstânsjes ferifiearre kwaliteitsnivo op it mêd fan ynhâld en didaktyk.*

Yn 2015 hat de Fryske taal en kultuer op mear as de helte fan de (ûnderwiisynstellings) yn de sektoaren FSE en PÛ in substansjele posysje yn it ramt fan yntegraal taalbelied, wat kurrikulumynhâld en ûnderwiistiid oangiet. It fuortset ûnderwiis slút yn datselde jier adekwaat oan op it primêr ûnderwiis oangeande de Fryske taal en kultuer. Dat betsjut dat der yn alle gefallen praat wurde kin fan in trochrinnende learline foar it fakgebiet Fryske taal en kultuer.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

It boppesteande moat der foar soargje dat de posysje fan it Frysk yn Nederlân yn it ramt fan regionale talen of talen fan minderheden yn Europa in topposysje ynnimt.

Yn de foarskoalske perioade is it omtinken foar it yntegrale taalbelied benammen rjochte op in goede twatalige taalstimulearring by jonge bern. De al formulearre haaddoelstelling (*Yn 2015 hat de Fryske taal en kultuer op mear as de helte fan de ûnderwiisinstellings yn de sektoaren FSE in substansjele posysje yn it ramt fan yntegraal taalbelied, wat kurrikulumynhâld en ûnderwiistiid oanbelanget*) liedt yn ús optyk ta de neikommende winske resultaten (WR) en doelen (D).

1. *WR: Yn 2010 is de helt fan de heiten en memmen fan jonge bern en yn 2015 binne alle heiten en memmen fan jonge bern yn Fryslân optimaal ynformearre oer de mooglikheden en de rykdom fan in twa- of meartalich grutbringen, sadat sy op dit mêd in goed ûnderboude kar meitsje kinne.*
2. *WR: Yn 2015 komt trijekwart fan de jonge bern, heiten, memmen, paken en beppen en sawat alle liedsters yn bernsintra systematysk en yn ferskate foarmen yn kontakt mei de Fryske taal, sadat dêrtroch bydroegen wurdt oan de stimulearring fan dy taal.*
3. *WR: Yn 2010 is it tal bernsintra mei Frysktalige dan wol twatalige groepen groeid oant 100 ta.*
4. *D: Yn 2010 is foar alle bernsintra mei Frysktalige en/of twatalige groepen in profesjoneel systeem fan begelieding, selsevaluaasje, ynspeksje/fisitaasje en sertifisearring beskikber, sadat de kwaliteit fan de taalstimulearring op dy sintra garandearre is.*
 - *4A WR: Yn 2010 is foar alle bernsintra mei Frysktalige en/of twatalige groepen in systeem fan begelieding, selsevaluaasje, ynspeksje/fisitaasje en sertifisearring beskikber.*

De Provinsje is ferantwurdlik foar it beskikber kommen fan it systeem, net foar de ynhâld derfan.

ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

It is yn ús fisy tige wichtich dat âlden mei jonge bern yn Fryslân adekwaat ynformearre wurde oer de mooglikheden en de rykdom fan twa- of meartalich grutbringen fan bern. Ut ferskate ûndersiken docht bliken dat mingd talige âlden yn aardich wat gefallen net kieze foar in twatalich grutbringen, mar foar in (iéntalich) Nederlânsktalich grutbringen fan har bern.

Troch it *Tomke*projekt komme jonge bern, har âlden en liedsters fan bernsintra mei de Fryske taal yn kontakt. It materiaal fan dit projekt berikt in grut part fan de omskreaune doelgroep. Wij achtsje it trochgean fan dit projekt tige wichtich as basisfoarsjenning yn it ramt fan it yn de kunde komme mei de mooglikheden fan stimulearring fan de ûntwikkeling fan de Fryske taal by jongere bern. It *Tomke*-projekt fungearret as in soart earsteline foarsjenning foar jonge âlden, jonge bern en liedsters út de foarskoalske sektor. Mei help fan dy sinfolle earste ûnderfiningen mei taalstimulearring en lêsbefoarding út húshâlding en bernsintra wei, kinne

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

allegearre aspekten fan taalstimulearring en lêsbefoardering yn de foarskoalske edukaasje (FSE) en de ûnderbou fan it basisûnderwiis opset wurde. It projekt soe har yn ús eagen ek rjochtsje moatte op de mooglikheden fan ICT foar jonge bern.

It doel fan it projekt is dat der mear Frysktalige dan wol twatalige groepen by pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn de provinsje Fryslân komme en is in sukses. Der binne no al hast 50 ynstellings mei sokke groepen. Wy fine it dan ek tige wichtich om de kommende jierren troch te gean mei dit projekt. Dêr heart ek in adekwate begelieding by fan de liedsters, it goed ynformearjen fan de âlden en it struktureel meitsje fan it systeem fan selsevaluaasje, fisitaasje en sertifisearring. No't der in hiel soad Frysktalige/twatalige bernsintra bykommen binne, binne de geunstige rânebetingsten oanwêzich om de kommende jierren in ûndersyk útfiere te litten nei it resultaat fan it begeliedingsprogramma fan dy sintra op de taalúntwikkeling fan de jonge bern, sawol op it mêd fan de Fryske as fan de Nederlânske taal.

Yn it ramt fan de aksjes dy't ûndernommen wurde sille, fine wy it tige wichtich dat de ynstellings dy't op dit mêd aktyf binne, de relaasjes mei de MBÛ opliedings foar pjutteliedsters yn ús provinsje fierder fuortsterkje. Op dizze wize wurdt it netwurk fan ekspertize sinfol útwreide. Boppedat sil der de kommende tiid in protte omtinken wêze moatte foar de goede oansluting fan de foarskoalske edukaasje op de ûnderbou fan it basisûnderwiis.



Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

OANPAK

1	Ynformearje fan jonge âlden
---	-----------------------------

By it Tomkeprojekt en it projekt "Frysktalige en twatalige Bernesintra" docht bliken dat it hiel bêst mooglik is om âlden by it belied fan it bernsintrum te belûken. Wy fine dat der de kommende jierren aktiviteiten komme moatte om de âlden fan de aller jongste bern te berikken. Wy tinke der oan om út de poppesoarch wei (it Krúswurk) de oandacht te freegjen fan de jonge âlden. Wy sjogge dat benammen as útdaging foar aktiviteiten by it Tomkeprojekt.

Wy fine dat hjir in taak leit foar de KAG Frysk FSE, Afûk en Partoer (Sintrum foar Frysktalige Berne Opfang= SFBO) en de MBÛ opliedings.

2	Materialen, programma's en ICT tapassings realisearje
---	---

It giet hjir om materiaal dat geskikt is foar jonge âlden en har bern: foarlêze fan boeken, mei-elkoar nei de tv sjen, tegearre mei de bern spultsjes dwaan op de PK. Benammen it ûntwikkeljen fan (edukative) spultsjes sil omtinken krije moatte. By de ûntwikkeling fan fysyk materiaal tinke wy ûnder oaren oan it trochgean mei it Tomkeprojekt en it ûntwikkeljen fan Frysktalige ûntwikkelingsmaterialen foar de groepen 1 en 2 fan it basisûnderwiis. Yn dit ferbân moat ek de jierlikse "Tomkedei" as in tige nuttige aktiviteit foar liedsters yn de foarskoalske opfang neamd wurde. Oangeande de koördinaasje en it oanstjoeren fan dy projekten tinke wy oan de KAG Frysk FSE, SFBO, de Afûk, dielnimmende gemeenten en ynstellings mei ekspertize op it mêd fan ICT en de MBÛ opliedings.

3	Tanimmen fan Frysktalige en twatalige Bernesintra
4	Systeem fan kwaliteitsbewekking

Wy fine dat dy ûnderdielen net los fan elkoar sjoen wurde kinne. Bernesintra dy't meidogge oan dit projekt sille systematysk begelaat wurde moatte om in kwalitatyf goede begelieding fan de pjutten foar elkoar te krijen. De liedsters lizze har ta op it brûken fan in kwaliteitsramt. Sy wurde treend yn selsevaluaasje en stelle harren iepen foar fisitaasje.

We sjogge by dy aktiviteiten in rol weilein foar de KAG Frysk FSE, de gemeenten, it SFBO en de oanbelangjende MBÛ opliedings.

KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 - 2011
1	Ynformearje fan jonge âlden	fan € 80.000,-- it jier, oprinnend nei € 100.000,--
2	Materialen, programma's en ICT tapassingen realisearje	€ 160.000,-- yn 2007 en ôfrinnend nei € 100.000,-- yn 2010
3 4	Tanimmen fan Friestalige en twatalige Bernesintra Systeem fan kwaliteitsbewekking	oprinnend fan € 70.000,-- oant € 100.000,-- it jier

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

3.3 IT PRIMÊR ÛNDERWIIS

DOELEN

Wy wolle it yntegrale taalbelied op de Fryske skoallen foar primêr ûnderwiis in folle fêster plak jaan. De earder formulearre haaddoelstelling hat de neikommende subdoelen:

- 5 *D: Yn 2012 is der in breed draachflak foar yntegraal taalbelied by âlden, leararen en skoaldireksjes troch benammen goede foarbylden fan Fryske skoallen ûnder de oandacht fan it brede publyk te bringen.*
 - a. *WR: Yn 2012 binne dy goede foarbylden fan Fryske skoallen ûnder de oandacht fan it brede publyk brocht.*
- 6 *D: Yn 2010 hawwe safolle leararen yn it Fryske primêr ûnderwiis de lânlike oplieding as taalkoördinator folge, dat der yn ús provinsje praat is fan in dekkend netwurk fan taalkoördinatoaren.*
 - a. *WR: De Provinsje hat it folgjen fan de oplieding mooglik makke troch de helte fan de kosten fan de oplieding te fergoedzjen.*
 - b. *WR: De Provinsje makket it funksjonearjen fan de netwurken mooglik troch se finansjeel te stypjen.*
- 7 *D: De Fryske taalkoördinatoaren binne wichtich foar har skoallen by it ymplementearjen fan yntegraal taalbelied, it ymplementearjen fan it ûnderwiismateriaal lykas "Studio F" en it meidwaan oan it projekt Trijetalige Skoalle.*
 - a. *WR: De Provinsje soarget der foar dat de taalkoördinatoaren goed ynformearre binne oer it taalbelied fan de Provinsje.*
- 8 *D: De ymplementaasje fan it nije ûnderwiismateriaal "Studio F" yn it Fryske primêr ûnderwiis ferrint kwantitatyf (it tal skoallen) en kwalitatyf (de kwaliteit fan it proses) fan 2006 ôf as it spoar.*
 - a. *WR: De ymplementaasje fan it nije ûnderwiismateriaal "Studio F" yn it Fryske primêr ûnderwiis ferrint kwantitatyf fan 2006 ôf tige bêst.*
- 9 *D: Yn 2012 is it ûnderwiismateriaal "Studio F" fierder sa ûntwikkele, dat it in folweardich yntegrale taalline is mei in swier aksint op ICT en in folweardich twatalige skriuwlane Nederlânsk - Frysk.*
 - a. *WR: Yn 2012 is it ûnderwiismateriaal "Studio F" fierder ûntwikkele ta in folweardich yntegrale taalline.*
- 10 *D: Yn 2010 is de neiskoalling yn de behearsking fan de Fryske taal en de didaktyk fan meartalichheid op mear as de helte fan de skoallen opnommen yn it neiskoallingsplan, yn 2015 hawwe de leararen yn it Fryske basisûnderwiis sa folle mooglik byleard wat de behearsking fan de Fryske taal oangiet.*
 - a. *De Provinsje slút yn 2007 hjir in konvenant oer ôf mei de boppeskoalske direkteuren fan it Fryske primêr ûnderwiis.*
- 11 *WR: Yn 2015 is der in systeem yn wurking fan selsevaluaasje, ynspeksje en fisitaasje oangeande yntegraal taalbelied yn it Fryske PÛ, dêr't skoallen, de ûnderwiisynspeksje en de Provinsje op basis fan har eigen ferantwurdlikheden yn gearwurkje. Yn 2010 is dit systeem ynhâldlik útwurke.*

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

- 12 *D: Yn 2012 docht 75 % fan de Fryske basisskoallen mei oan de eintoets Frysk foar it basisûnderwiis.*
- a. WR. De Provinsje soarget derfoar dat soks bart troch middel fan in folweardige, kwalitatyf goede en passende toets, dy't troch in saakkundich ynstitút lykas it Cito mei ûntwikkele wurdt em alle jierren foar de skoallen beskikber is.*
- 13 *D: Yn 2012 is it tal skoallen dat it ûnderwiis op in konsekwinte wize fersoarget yn trije talen (Nederlânsk, Frysk en Ingelsk) tanommen oant 25.*
- a. WR: De provinsje makket it mooglik dat der jierliks likernôch 5 skoallen yn streame kinne yn dit projekt.*

ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

Yn it foarste plak sille der systematyske ympulzen útgean moatte nei sa folle mooglik skoallen om oan de slach te gean mei yntegraal taalbelied. De aktiviteiten sille ek benammen rjochte wurde op skoallen dy't oant no ta net of net folle oandacht hawwe foar dit wichtige domein. Yn dit ramt is in goede gearwurking mei de skoaldireksjes, de ynspeksje en de Pabû's fan grut belang. Boppedat kin der in goede stimulâns útgean troch yn de publisiteit geregeld oandacht te jaan oan skoallen dy't it op dit mêd goed dogge dan wol in stap foarút setten ha. Wy wolle oangeande it taalbelied yn it primêr ûnderwiis op koarte termyn in konvenant slute mei alle skoalbestjoeren yn de provinsje.

Yn it twadde plak wolle wy trochgean mei it ynsetten belied op it mêd fan de stimulearring fan leararen om de oplieding as taalkoördinator te folgjen. Dat betsjut net allinnich it jaan fan subsydzje op de opliedingskosten, mar ek it fasilitearjen fan de taalkoördinatoaren, sadat sy har wurk goed dwaan kinne. Wy sjogge de taalkoördinatoaren yn it PÛ as wichtige kaaiefigueren foar it yntegraal taalbelied. Dêrnjonken sil de begelieding en it neiskoaljen fan leararen de nedige oandacht freegje. Yn dat ramt is it de fraach at it foar bepaalde skoallen nuttich wêze kinne soe om tydlik faklearkrêften yn te setten.

It tredde tema yn dy sektor giet oer it grutskalich ymplementearjen fan it nije ûnderwiismateriaal foar it PU "Studio F".

De útgongspunten fan dit materiaal binne:

- Frysk as fak;
- basearre op de nije keardoelen Frysk;
- in trochrinnende learline;
- spesjaal omtinken foar differinsjaasje en wurkje yn kombinaasjeklassen; mei klam: yntegraasje mei skoalradio en skoaltelevyzje;
- ôfstimming op taalmetoaden Nederlânsk;
- ôfstimming fan materialen mei it each op Frysk as fiertaal by oare fakken;
- motivearjend, útdaagjend, humoristysk en sfearfol materiaal;

Korrekt ymplementearje fan dit materiaal is in útdaging foar de kommende jierren.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

Wy fine de ymplemintaasje fan dit materiaal sa wichtich, dat we dit programma fersoargje litte wolle troch in Taskforce, dêr't fertsjintwurdigers fan it primêr ûnderwiis yn sitte, It Taalsintrum Frysk, de Afûk, de Fryske gemeenten, de Provinsje, de Pabû's en de SLO.

By de ymplemintaasje fan it materiaal binne neffens ús de neikommende ûnderwerpen belangryk:

- De subsydzje op de oanskaf fan it materiaal mei foar skoallen gjin beheining wêze. Wy stelle út om, útgeande fan de oanskafpriis fan € 27,50 de learling oankeapsubsydzje fan € 10,-- de learling beskikber te stellen. Wy stelle út dat de gemeenten as lokale oerheid en de skoalbestjoeren der ek wat by dogge, sadat de skoallen breed stipe wurde.
- It proses fan ymplemintaasje moat goed oanslute op it aktuele taalbelied fan de skoalle, dat ferget dus maatwurk. Yn dit ramt soe it belangryk wêze kinne dat meiwurkers fan it Taalsintrum skoallen dan wol klústers fan skoallen opsykje om te besjen hoe en wannear skoallen mei Studio F útein sette kinne.
- Yn it proses fan ymplemintaasje kinne de taalkoördinatoaren goed wurk dwaan, mar dit moat dan yn in breder perspektyf plak fine, nammentlik yn it perspektyf fan it opsetten fan taalbelied op de belutsen skoallen en it plak fan Studio F dêryn.
- Út it bredere perspektyf wei fan de ûntwikkeling fan yntegraal taalbelied op de skoallen, is it wichtich mei de boppeskoalske direksjes en lokaasjedirekteuren te sjen nei de kompetinsje fan de leararen.
Yn it nije Learplan Frysk "Frysk oan bar" wize de auteurs der terjochte op dat it hjir giet om de kompetinsje fan leararen om op in goede wize taalûnderwiis fersoargje te kinnen (ynhâldlike kennis en goede taalbehearsking) yn kombinaasje mei it behearskjen fan de didaktyk fan meartalichheid.
Yn dit ferbân soenen der mear relaasjes lein wurde moatte mei de aktiviteiten oangeande it Frysk as fak mei projekten op it mêd fan it Nederlânsk. Wy binne yntusken yn de kunde kommen mei it Lês Yntervinsjeprojekt Noard Nederlân (LYN projekt). Yn dat projekt wurdt systematysk ynset op it optimalisearjen fan it nivo fan technysk lêzen.

Wij achten it needsaaklik dat der in spesjale taskforce gearstald wurdt.

It lêste te ûnderskieden tema is in yntinsivere fuortsetting fan it projekt "Trijetalige Skoalle". oan de earste faze fan dit strategysk tige wichtige projekt, hawwe sân skoallen dielnommen. Yntusken hat út ûndersyk fan de Fryske Academy bliken dien dat de doelstellingen fan it projekt, benammen as it giet om de behearsking fan de Fryske en de Nederlânske taal, fierhinne berikt binne. De learlingen fan de projektskoallen litte goede resultaten sjen as it giet om de behearsking fan beide talen. It ûndersyk nei de behearsking fan it Ingelsk is noch net folslein ôfrûne. Wy wolle de organisatoaren fan dit projekt op sa'n wize fasilitearje dat in útwreiding fan it projekt nei in grutter tal skoallen, dêrûnder ek wat gruttere basisskoallen, mooglik is.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

OANPAK

5	Draachflak yntegraal taalbelied
---	---------------------------------

Wy fine dit in wichtige basis foar it konkretisearjen fan it provinsjale taalbelied. Út ferskate ûnderfiningen en ûndersiken docht bliken dat de attitude fan leararen, learlingen en âlden oangeande de Fryske taal redelik posityf is, mar it komt der oer it generaal net út wat taalgedrach oanbelanget.

Wy sille yn gesprekken mei (boppeskoalske) direkteuren, âlden en leararen folle mear yngean moatte op de wearde fan konkrete ôfspraken yn de skoallen oer it brûken fan de talen: Nederlânsk, Frysk en Ingelsk. Dêrnjonken binne yn ús eagen spesjale gearkomsten wichtich foar âlden om de stipe te garandearjen en âlden derop te wizen dat sy ek in wichtige rol spylje by it taalgedrach fan en nei harren bern.

Boppedat sil der folle mear romte makke wurde moatte foar skoallen dy't it kwa yntegraal taalbelied goed dogge dan wol dúdlik in stap foarút setten ha, systematysk ûnder de oandacht te bringen fan it brede publyk.

Dit fergiet ynspanning fan de skoallen en de ynstellings mei-elkoar dy't skoallen op it mêd fan taalbelied begeliede kinne. Ien en oar kin goed troch de KAG Frysk yn it PÛ koördinearre wurde. De Provinsje sil dizze aktiviteiten stypje en ûndersteune.

It sluten fan in konvenant mei de skoalbestjoeren is yn ús eagen in middel om dy doelstelling te heljen.

6	Subsidiearjen fan de oplieding foar taalkoördinator
---	---

Fanôf it begjin fan dy oplieding hawwe wy subsydzje ferstrekt foar de kosten fan dy oplieding. Sadwaande heart it tal opliede taalkoördinatoaren (64) yn ús provinsje ta de heechste yn ús lân. Wy sille trochgean mei dizze subsydzje- mooglikheid, omdat de opliedings noch hieltyd troch de beide Fryske Hegeskoallen (CHN en NHL) fersoarge wurde. Wy sille dy opliedings stypje, omdat de taalkoördinatoaren tige wichtich binne by de ymplementaasje fan yntegraal taalbelied op de skoallen. Hjir leit benammen in taak foar de hegeskoallen, it fjild en de ûnderwiisbegelieding.

7	Netwurk fan taalkoördinatoaren ynskeakelje by ymplementaasje yntegraal taalbelied.
---	--

De al ôfstudearre taalkoördinatoaren hawwe oanjûn dat sy de kommende jierren graach in regionaal netwurk foarmje wolle soenen, mei stipe fan de hegeskoallen en it Taalsintrum Frysk. Yn it netwurk is grut ferlet fan in site die û.o. tsjinje kin om op digitale wize ûnderfiningen en ynformaasje út te wikseljen. Dêrnjonken wurde der geregeld regionale gearkomsten organisearre.

Wij fine dit in wichtige ûntwikkeling en sille dy dan ek stypje. Foar de koördinaasje en it oanstjoeren sjogge wy in rol foar de beide Hegeskoallen, It Taalsintrum Frysk en de KAG Frysk yn it PÛ. Boppedat binne wy fan betinken dat dizze taalkoördinatoaren yn har skoalle of klúster fan skoallen tige goed wurk dwaan kinne yn it ramt fan it taalbelied op dizze skoalle/skoallen.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

8	Optimale ymplementaasje fan Studio F
---	--------------------------------------

Foar de ymplementaasje stelle wy in oanskafsubsydzje beskikber, sadat de priis fan it materiaal gjin beheining wêze sil om it pakket Studio F oan te tugen. Wy hawwe sakrekt al sein dat wy it fan krúsiaal belang fine dat dit materiaal goed ymplementearre wurdt en we stelle út in taskforce op te rjochtsjen.

9	Mooglikheden biede om mei de ûntwikkeling fan Studio F yn de takomst troch te gean
---	--

It trochsetten fan Studio F om foar in grut part in digitaal produkt te ûntwikkeljen foar de takomst is in needsaaklike ynvestearing om yn de tuskentiid en nei ferrin fan likernôch seis jier oan de fraach om nij materiaal by de skoallen foldwaan te kinnen. Wy sille dit proses stypje en ûndersteune. Foar in optimaal ferrin fan dit proses is goede en breed droegen kommunikaasje tige wichtich tusken it ûnderwiisfjild en it Taalsintrum Frysk. Dêr kin de KAG Frysk yn it PÛ ek wat yn te betsjutten ha.

10	Neiskoalling fan leararen op it mêd fan kompetinsjes oangeande it Fryske taalûnderwiis en de didaktyk fan meartalichheid.
----	---

Op grûn fan ûndersiken fan de ynspeksje en ûnderfinings mei projekten op it mêd fan de Fryske taal docht bliken dat skoallen dy't meidogge oan sokke projekten al frij betiid freegje om in neiskoallingsoanbod foar har leararen. Dat hat net yn it lêste plak te krijen mei de leararen sels, hoe 't dy de Fryske taal behearskje. Fierder fine wy de kompetinsje op it mêd fan de didaktyk fan meartalichheid fan belang. Wy trune der by dy doelgroep op oan, dat der kursussen op maat levere wurde. De koördinaasje fan dit proses is yn hannen fan de KAG Frysk yn it PÛ. It oanbod hjirfoar kin levere wurde troch in gearwurkingsferbân fan de hegeskoallen, de Afûk en it Taalsintrum Frysk. Wy tidigje derop dat de skoallen (in part fan) harren neiskoallingsbudzjet foar dit doel ornearje sille.

11	Opsette fan in systeem fan selsevaluaasje, ynspeksje en fisitaasje
----	--

Yn prinsipe is der by de KAG Frysk yn it PÛ al oerienstimming oer dit beliedsfoarnimmen. Mei de ûnderwiisynspeksje wurde bepaalde aspekten yntusken al fierder útwurke. Ien en oar is beskreaun yn de notysje " Herziening Doelstellingen Fries in het PO "

Wy fine dat der wurke wurde moat oan in wurkber systeem, dêr't de gegevens fan dit proses yn sammele wurde en geregeld út rapportearre wurde kin. It proses kin út de KAG Frysk yn it PÛ wei koördinearre wurde.

De Provinsje sil alle war dwaan om dit systeem úterlik yn 2010 ree te hawwen, sadat it dêrnei ymplementearre wurde kin. De resultaten op de Eintoets Frysk foar it primêr ûnderwiis meitsje in fanselsprekkend ûnderdiel út fan dit systeem fan selsevaluaasje en ynspeksje.

12	Dielname eintoets Frysk yn it basisûnderwiis
----	--

De mooglikheid om oan dy eintoets mei te dwaan bestiet al in hiel skoft. It jierlikse evenemint wurdt organisearre troch de Afûk. Yn it ûnderwiismateriaal 'Studio F' sille yn alle gefallen metoadebûne testen opnommen wurde. Troch dizze ûntwikkelings sille skoallen stipe wurde om de resultaten fan harren learlingen oangeande Frysk ek geregeld te hifkjen. Wy fine dit in wichtige ûntwikkeling yn it ramt fan ús taalbelied. Wy sille yn oerlis mei saakkundigen fan de provinsjale organisaasje en fertsjintwurdigers fan it Cito ynsette op in goede validearre en normearre eintoets Frysk foar it basisûnderwiis. De toets sil goed ûnder de oandacht brocht wurde fan de skoallen en de Pabû's. De Afûk sil de jierlikse fersprieding fan de toetsen en de resultaten op de toets koördinearje. Dêrby sille de ûndersikers fan de Fryske Akademy nau belutsen wurde.

13	Útwreiding projekt Trijetalige Skoalle
----	--

In nij te foarmjen stjoergroep sil yn 'e wapens om mei in twadde tranche fan dit projekt útein te setten. De stjoergroep fan de earste tranche fynt it wichtich dat der no ek in tal gruttere basisskoallen oan dit projekt meidwaan sille. Wy wolle de nije stjoergroep mei in adekwaat budzjet útrisse, sadat dit groeiproses stâl krije kin. De koördinaasje en it oanstjoeren fan dizze aksjes kin yn goed oerlis mei de KAG Frysk yn it PÛ yn hannen bliuwe fan de Stjoergroep Trijetalige Skoalle.

KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 – 2011
5	Draachflak yntegraal taalbelied	Oprinnend fan € 30.000,-- oant € 50.000,-- it jier
6	Subsidiearjen fan de oplieding foar taalkoördinator	dekking regele út Plan fan Oanpak Frysk yn it Underwiis wei
7	Opbouwen fan dekkend netwurk fan taalkoördinatoaren	€ 25.000,-- it jier m.y.f. 2006
8	Optimale ymplementaasje fan Studio F	Oankeapsubsydzje 2007 € 300.000,-- 2008 € 150.000,-- útwreiding fan formaasje by it Taalsintrum Frysk € 180.000,--
9	Mooglikheden biede om mei Studio F yn de takomst troch te gean	Formaasje by it Taalsintrum € 30.000,-- it jier
10	Neiskoalling fan leararen oangeande de behearsking fan de Fryske taal	Skoallen betelje de kosten út eigen neiskoallingsjild
11	Opsette fan in systeem fan selsevaluaasje, ynspeksje en fisitaasje	
12	Meidwaan oan ein-hifkjen Frysk yn it basisûnderwiis	Kin dutsen wurde út de besteande produktôfspraken
13	Útwreiding projekt Trijetalige Skoalle	2007: € 45.000,-- 2008: € 100.000,-- 2009: € 100.000,-- 2010 € 100.000,-- 2011 € 100.000,--

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

3.4 IT FUORTSET UNDERWIIS

DOELEN

De kommende jierren wolle wy ús rjochtsje op it fierder fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal en kultuer yn de folle breedte fan de projektskoallen en in breed droegen belied klear sjen te krijen op it mêd fan de Fryske taal en kultuer by de oare skoallen foar FÛ yn ús provinsje. Wy gean yn it FÛ út fan de term Fryske taal en kultuer, omdat it yn it eksamenprogramma fan de twadde faze (hafû/twû) de titel Fryske taal en kultuer krigen hat. In dit programma komme ek aspekten fan de Fryske kultuer op it aljemint.

Wy wolle ús rjochtsje op in tal doelen. Dy doelen kinne beskôge wurde as trochgean mei de doelen út it hjoeddeistige projekt "Learplan en learmiddels Frysk fû 2004 – 2007".

- 14 WR: Yn 2015 hawwe alle skoallen foar FÛ yn de provinsje Fryslân in yn de skoallen breed droegen konkreet belied oangeande de Fryske taal en kultuer, konkrete ôfspraken oangeande taalgedrach binne der ek by.*
- 15 WR: Yn 2012 biedt minstens in kwart fan de skoallen foar FÛ yn Fryslân yn alle learjierren (fan tmbû oant twû) it fak Frysk oan en wurdt de Fryske taal teffens brûkt by oare fakken.*
- 16 WR: Yn 2012 binne foar it Frysk in tal ICT tapassings beskikber, sadat de skoallen e-learning realisearje kinne.*
- 17 Yn 2010 is de helt fan de skoallen foar FÛ yn Fryslân belutsen by projekten dêr't it Frysk ynstruksjetaal is by oare fakken.*
- 18 GR: Fan 2007 ôf kin it Taalsintrum Frysk fan Cedin de skoallen foar FÛ optimaal en yntinsyf begeliede, omdat de formaasje foar dit doel struktureel mei 1 formaasjeplak (1 fte) útwreide wurdt, sadat der mei-elkoar 1,5 fte foar dy funksje beskikber is.*
- 19 D: Yn 2010 is der in befredigjend draachflak foar in goede posysje fan de Fryske taal en kultuer yn it FÛ by it brede publyk.
 - a. WR: De Provinsje docht ta oan dit draachflak troch by it brede publyk omtinken te jaan oan goede foarbylden út de Fryske ûnderwiispraktyk.**

ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

Yn it foarste plak tidigje wy der op dat we mei-inoar yn 'e wapens sille om it draachflak foar de posysje fan de Fryske taal en kultuer yn de skoallen foar fuortset ûnderwiis goed te ferankerjen. Út it ûndersyk fan Valk en Van der Bij docht bliken dat de projekten oant no ta rjochte binne op en bekend binne by in lyts part fan de leararen fan in skoallemienskip. Boppedat binne der ferskillen tusken skoallen oangeande de stipe dy't skoaldireksjes jouwe oan it taalbelied en oangeande it útdragen derfan yn harren skoallemienskip. Dit jildt foar de projektskoallen en ek foar de skoallen dy't (noch) net oan it projekt meidogge.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

Twads is it wichtich en doch mei-elkoar in protte war op ferbreedzjen fan de projektaktiviteiten by in grutter tal skoallen. Wy tinke konkreet oan útwreidzjen fan it tal skoallemienskippen, dat meidocht oan projekten oangeande it Frysk yn it hiele FÛ. Dit ferget net allinnich ynset fan de KAG Frysk yn it FÛ, mar ek spesifike aktiviteiten by de skoallemienskippen. Yn oerlis mei de KAG FÛ sille we neigean, at it mooglik is om it besteande netwurk fan leararen Frysk útgroeie te litten ta in dutsen netwurk oer de provinsje, mei ekspertize op it mêd fan yntegraal taalbelied.

Treds wize wy op it belang fan it projekt "Learplan en learmiddels Frysk fû 2004 – 2007". Dit projekt hat in pear ûnderdielen. It is foar it ûnderwiisfjild tige wichtich dat it ferbân tusken dy ûnderdielen foar leararen en direksjes helder en fanselssprekkend wurdt.

Wy kieze wat dizze sektor fan it ûnderwiis oangiet dus ek foar yntinsivearring fan it belied. Dat hat yn de praktyske útwurking inkele konsekwinsjes, lykas dat yn it ferfolch fan de paragraaf oanjûn wurde sil. Yn dit kader melde wy dat de KAG FÛ al in konseptútstel formulearre hat foar it konkreet útfieren fan aktiviteiten yn de perioade augustus 2007 – augustus 2011.

OANPAK

14	Breed droegen taalbelied yn it Fryske FÛ
<p>Dit ferget yn it foarste plak mear oerlis mei de skoallen foar fuortset ûnderwiis, de KAG Frysk yn it FÛ en de Provinsje. Dit sil liede moatte ta in proses fan fisy-úntwikkeling op taalbelied op de skoallen. Hjir leit benammen in taak foar de direksjes en leararen fan de skoallemienskippen en de KAG Frysk yn it FÛ, wêrby de Provinsje op it bestjoerlike nivo de nedige ympulzen jaan sil. Wy fine it tige wichtich dat yn dit kader de gearwurking tusken de KAG FÛ en de Learareoplieding FÛ fersterke wurdt.</p>	
15	Trochgean en yntinsivearje subsidyjeregeling "Lesoeren Frysk yn it FÛ"

By de aktiviteiten dy't hjir boppe neamd binne, sil noch ris ekstra wiisd wurde op de mooglikheid fan tydlike subsidiearring fan lessoeren Frysk yn it fuortset ûnderwiis. Wy binne fan betinken dat dy regeling foar skoallen in earste bydrage opsmyt oan mear struktureel omtinken foar it Frysk yn alle learjierren. Wy tidigje derop dat hoe mear berop dien wurde sil op dy subsydzjeregeling hoe mear (fierder) omtinken der wêze sil. Ien en oar hat te krijen mei it tal projekten oangeande it Frysk yn it fuortset ûnderwiis dy 't kommandewe binne, it nije learplan Frysk en de lesmetoade dy't derby heart. Yn it ramt fan de regeling Lessoeren Fries en it budzjet Befoarding Frysk Taalgebrûk sil ûndersocht wurde yn hoefiere skoallen foar lytse projekten gau en mei in hiele beheinde administrative belêsting oanfragen yntsjinje kinne dêr't op koarte termyn in reaksje op jûn wurde kin. Wy tinke dêrby benammen oan lytse projekten dy't op in skoallemienskip, of in ûnderdiel dêrfan as in opstartprojekt ta in struktureler plak foar de Fryske taal en kultuer tsjinje kinne. De oanpaste regeling met heldere kritearia sil yn 2007 oan Provinsjale Steaten foarlein wurde.

16	Tapasse ICT mooglikheden
----	--------------------------

It benutsje fan mooglikheden fan ICT kin in soad bydrage oan it ferheegjen fan de motivaasje om dwaande te wêzen mei de Fryske taal en biedt kânsen om learlingen en leararen fan njonkenfestigings te keppeljen oan in digitaal netwurk fan aktiviteiten op it mêd fan de Fryske taal en kultuer (e-learning).

De Provinsje sil yn oerlis mei de KAG Frysk FÛ sykje nei in adekwate organisaasje fan koördinaasje en oanstjoeren fan sokke projekten. Dit ûnderwerp sil yn alle gefallen fierder útwurke wurde yn de nota ICT en Frysk.

By de earste learjierren fan it FÛ hawwe de skoallen ferlet fan skriftelik basismateriaal foar Frysk as fak. De metoade "Flotwei Frysk" is sterk ferâldere en al jierren net mear te krijen. Dêrom is no de nije metoade "FReemwurk" (Lesplan en learmiddels Frysk) yn ûntwikkeling. Dy nije metoade kin teffens de basis foarmje foar digitaal materiaal foar de basisfoarming. Wy binne ree in beskieden part fan dit budzjet (op syn meast € 35.000,-) foar it ôfmeitsjen fan dit dielprojekt beskikber te stellen.

17	Mear skoallen by projekten mei Frysk as ynstruksjetaal by oare fakken
----	---

Op dit mêd wurde op ferskate domeinen al in pear jier aktiviteiten ûntwikkele: ierdrykskunde, biology, natuer en miljeu-edukaasje. Mei dy aktiviteiten wurde dosinten út boppeneamde fakgebieten stimulearre om it Frysk as ynstruksjetaal te brûken. Dat sil it draachflak by de leararen ferbreedzje fan de belutsen FÛ-lokaasjes. Wy stypje dy aktiviteiten omdat it tadocht oan de posysje fan Frysk as ynstruksjetaal by oare fakken en it draachflak yn de skoallen ferbredet.

Hjir leit in wichtige taak foar it Taalsintrum Frysk en de Learareoplieding fuortset ûnderwiis yn goed oerlis mei de KAG Frysk FÛ.

18	Optimalisearjen begelieding
----	-----------------------------

De ekstra aktiviteiten dy't earder neamd binne, sil der nei alle gedachten ta liede dat der mear fraach komt nei begelieding fan it Taalsintrum Frysk. Dizze kwestje fan ekstra begelieding sil besprutsen wurde mei de skoaldireksjes en de belutsen leararen. It docht no al bliken dat de beskikbere formaasje foar it FÛ (0.5) net genôch is foar de hjoeddeistige aktiviteiten op it mêd fan begelieding. Wy skatte dan ek dat de kapasiteit op it mêd fan de begelieding fan it FU fan 0.5 nei 1.5 formaasjeplak útwreide moatte sil. Ek op dit mêd soenen wy de belutsenheid fan de Learareoplieding FÛ ferbetterje wolle.

19	Publisiteit oer goede foarbylden
----	----------------------------------

Analooch oan ús útstel foar in goede Pr yn it BÛ (doelstelling 5) stelle wy út ek yn it FÛ systematysk omtinken te jaan oan publisiteit oer goede foarbylden. Wy fine it in goede gong fan saken as skoallen sokke foarbylden melde by it Taalsintrum of de KAG Frysk yn it BÛ, sadat de PR út de KAG wei koördinearre wurde kin. Wy kinne ús ek skoan yntinke dat de Learareoplieding FÛ dy aktiviteiten koördinearje sil, omdat it ek tige bêst te kombinearjen is mei de inisjele oplieding en de neiskoalling.

KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 – 2011
14	Breed droegen taalbelied yn de Fryske skoallen foar FÛ	
15	Trochgean en yntinsivearje Subsydzjeregeling "Lesoeren Frysk yn it FÛ"	Besteand budzjet op dit stuit genôch, ferheging fan it budzjet yn de takomst faaks needsakelik.
16	Tapasse ICT mooglikheden	€ 200.000,-- it jier
17	Mear skoallen by projekten mei Frysk as ynstruksjetaal by oare fakken	
18	Optimalisearje begelieding	Útwreiding formaasje by it Taalsintrum € 70.000,-- it jier
19	Publisiteit oer goede foarbylden	€ 25.000,-- it jier

3.5 DE LEARAREOPLIEDING

DOELEN

Op de learareoplieding primêr ûnderwiis wolle wy in ferheging realisearje fan de kwaliteit en de maatskiplike funksjonaliteit fan de learareoplieding foar it BÛ op it mêd fan de Fryske taal en kultuer yn de kontekst fan twa- en meartalich (basis)ûnderwiis.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

Der binne yn ús optyk fjouwer subdoelen te ûnderskieden:

20. *WR: Yn 2010 is der nei it oardiel fan in fisitaasjekommisje in goede en fanselssprekkende posysje foar de Fryske taal en kultuer yn it kurrikulum fan de Fryske opliedings foar learaar primêr ûnderwiis.*
21. *D: Yn 2010 is it skaaimerke fan de oplieding ta it foech Frysk BÛ fan in goede ynhâldlike en fakdidaktyske kwaliteit.*
 - a. WR: De Provinsje soarget foar in fisitaasjekommisje dy 't oer soks yn oerlis mei de hegeskoallen fierder oardielje kin.*
22. *D: Yn 2010 hat it foech Frysk BÛ in dúdlike funksje yn it Fryske primêr ûnderwiis, sadat it foech Frysk in fanselssprekkend part is fan it profyl fan leararen en it Frysk by staaazjes op systematyske wize as fak en as fiertaal oan de oarder komt.*
 - a. WR: De Provinsje slút yn 2007 in konvenant mei de Pabû's en it primêr ûnderwiis, dêr't ôfspraken yn makke wurde om dit doel te realisearjen.*
 - D: Yn 2010 is de kwaliteit fan it foech Frysk BU waarboarge troch in kombinaasje fan akkreditaasje, yntern hifkjen en in yntern eksamen.*
 - a. WR: In 2010 is de kwaliteit fan it foech Frysk BÛ waarboarge troch in systeem fan akkreditaasje.*

ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

Nei oanlieding fan de aktiviteiten op it mêd fan it yntegrale taalbelied yn it BÛ is in lytse wurkgroep út de beide Pabû's wei yn it spier mei in fisistyk op de posysje fan it Frysk by de Fryske Pabû's en de nei te stribjen kompetinsjes op it mêd fan de Fryske taal by studinten dy't "it foech Frysk BÛ" helje wolle. Op grûn fan dit fisistyk sille wy fierder yn oerlis gean mei de beide hegeskoallen. Ús doel is om te kommen ta in kwaliteitsferbettering fan de oplieding foar it foech Frysk BÛ, mar dat sjogge wy yn it ramt fan de hiele oplieding foar learaar primêr ûnderwiis.

Wy sprekke hjir doelbewust fan it foech Fries BÛ, omdat út it lêste ûndersyk fan de Underwiisynspeksje bliken docht dat de term "it foech Frysk" net iendiedich is. Faaks sille we in nije passende namme foar it foech betinke moatte.

Wy binne fan betinken dat de posysje fan de Fryske taal yn it foarste plak yn de hiele oplieding in bettere posysje krije moat, dit jildt foar alle studinten dy't de oplieding folgje. Twads fine wy it tige wichtich om de ynhâld en it nivo fan de oplieding ta it foech Frysk BÛ te optimalisearjen. Treds sille wy tegearre mei de Pabû 's en it primêr ûnderwiis stappen sette moatte, om de maatskiplike funksje fan it Foech Frysk te ferheegjen, dat wol sizze, yn it Fryske primêr ûnderwiis moat it Foech Frysk in fanselssprekkend part fan it profyl fan in learaar wurde. Op fersyk fan de Pabû direksjes sille we mei-elkoar wurkje oan de akkreditaasje en de ynterne eksaminearring fan de oplieding foar it foech Frysk BÛ.

OANPAK

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

20	Fanselsprekkende posysje Fryske taal en kultuer yn de hiele Pabû
----	--

In oerlis mei de Pabû's sil neigien wurde wat de mooglikheden binne om de Fryske taal en kultuer as in integraal part fan it kurrikulum oan alle studinten oan te bieden. We kinne hjir tinke oan: mooglikheden om de eigen taalfeardigens fan it Frysk te ferbetterjen, it gebrûk fan it Frysk as ynstruksjetaal, omtinken foar ûnderwiis yn in meartalige regio, aspekten fan de Fryske kultuer (literatuer, film, toaniel ensfh). Hjir leit benammen in taak foar de Pabû's dy't earstferantwurdlike binne foar harren kurrikulum. De Provinsje en de KAG Frysk yn it Primêr ûnderwiis sille dizze aktiviteiten stypje en ûndersteune.

21	Ferbettering fan de kwaliteit fan de oplieding foar it foech Frysk BÛ

Wij achtsje it fan grut belang hjir ôfspraken oer te meitsjen mei it management fan de Pabû's en dy ôfspraken dan ynhâldlik út te wurkjen yn in lytse wurkgroep. Dy wurkgroep hâldt nau kontakt mei de KAG en de foarstellen wurde foarlein oan de stjoergroep Frysk yn it ûnderwiis. De belutsenheid fan beide Pabû's by dit proses moat yn ús eagen optimaal wêze. De beoardieling fan de kwaliteit fan de oplieding kin in provinsjale fisitaasjekommisje foar har rekken nimme.

22	Ferbettering fan de posysje fan it foech Frysk PÛ yn it Fryske PÛ
----	---

Der is de lêste jierren systematysk oerlis tusken de boppeskoalske direksjes fan it Fryske BÛ en de beide Pabû's. It liket ús goed ta dat dizze tematyk ek in dat oerlis ynbrocht wurdt mei it doel heldere ôfspraken oer it Foech Frysk as funksje-eask te meitsjen en de romte foar de Fryske taal by stazjes fan Pabû-studinten te fergrutsjen.

De Provinsje sil dit proses stimulearje en ûndersteune troch mei de Pabû's en it ûnderwiisfjild in konvenant ôf te sluten. De koördinaasje fan it proses kin it beste yn hannen bliuwe fan de Pabû's, en der kin in berop dien wurde op de KAG Frysk yn it PÛ.

23	Realisaasje fan akkreditaasje en eksaminearring fan it foech Frysk PÛ
----	---

Dit ûnderwerp hat al yn in bestjoerlik oerlis mei de Pabû's op it aljemint west. Provinsje en hegeskoallen sille mei-elkoar sykje nei de beste oplossings. De kwestje fan de akkreditaasje fergiet nei ús betinken yn alle gefallen oerlis mei it Nederlânsk Flaamske Akkreditaasje Orgaan (NFAO) en de minister fan ûKW.

KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 – 2011
20	Fanselsprekkende posysje Fryske	

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

	taal en kultuer by de hele Pabû	Doele-útkearing oan de Pabû's tydlik ferheegje mei € 52.000,-- mei-elkoar it jier.
21	Ferbettering fan de kwaliteit fan de oplieding ta it Foech Frysk	
22	Ferbettering fan de posysje fan it Foech Frysk yn it Fryske PÛ	
23	Realisaasje fan akkreditaasje en eksaminearjen fan it Foech Frysk	



Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

4. DE KWALITEIT FAN IT FRYSCHE BASISÛNDERWIIS

4.1 DOELEN

Yn haadstik 1 hawwe we oangeande de kwaliteit fan it Fryske basisûnderwiis de neikommende **haaddoelstelling** formulearre.

Yn 2015 heart de ûnderwiiskundige kwaliteit fan de Fryske basisskoallen by de top trije fan ús lân, sadat de Fryske jongeren goed taret binne op de him hurd ûntwikkeljende kenniseconomy.

Op grûn fan dizze ûnderfiningen kinne wy it haaddoel yn de neikommende subdoelen út elkoar falle litte:

24. *D: De Fryske basisskoallen dy 't op basis fan de ûnderwiiskundige kwaliteit en de learprestaasjes as swak beoardiele binne (stân 1 maaie 2006), hawwe yn 2011 in dúdlike prestaasjekultuer.*

a. De Provinsje oardielet yn oerlis mei de boppeskoalske direksje en de ûnderwiisynspeksje oer de projektplannen fan de oanbelangjende skoallen en stelt op basis fan dat oardiel middels beskikber foar de útfiering fan it ferbetterprojekt.

25. *D: Alle Fryske basisskoallen hawwe yn 2015 in eigen belied oangeande it foarkommen en bestriden fan ûnderwiisefterstannen en stimme de deistige ûnderwiispratyk dêr ek konsekwint op ôf.*

a. De Provinsje biedt de skoallen ynformaasje oan yn de foarm fan goede foarbylden en soarget foar adekwate begelieding, sadat skoallen by steat binne dat belied sels te ûntwikkelfjen.

4.2 ARGUMENTAASJE / TALJOCHTING

Yn ús fisy is goede ûnderwiiskwaliteit in belangrike betingst om de prestaasjes fan learlingen it beste yn oerienstimming te bringen mei harren kapasiteiten. Boppedat kin ûnderwiis ek in rol spylje by hoe't âlden har bern grutbringe en yn har ûntwikkeling stimulearje.

Dat betsjut dat de oanbelangjende skoallen yn dit kader de kommunikaasje en de gearwurking mei de âlden sa goed mooglik ûntwikkelje moatte sille. Sa wurde skoallen en âlden partners yn it stribjen nei it mienskiplike doel (goed ûnderwiis) en kinne de skoallen har horizontale ferantwurdlikheid better foarm jaan.

In goede ûnderwiiskwaliteit is in betingst foar it ferheegjen fan it opliedingsnivo fan de regionale befolking en dus ek in betingst foar it adekwaat partisipearjen fan dy befolking yn de kenniseconomy.

Yn de relaasje tusken de ûnderwiiskwaliteit en it bestriden fan ûnderwiisefterstân binne yn it lânlike belied twa beliedslinen te ûnderskieden. Yn it foarste plak is dat de saneamde 'gewichteregeling': skoallen mei relatyf in protte learlingen fan âlden mei

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

in lege oplieding krije in ekstra gewicht. At in skoalle mei dat ekstra gewicht oer in drompel komt, dan komt de betreffende skoalle yn oanmerking foar ekstra formaasje. De Noardelike provinsjes, Seelân en de gemeenten hawwe har de lêste jierren sterk makke foar in gewichteregeling dy't geunstiger útfalt foar de autochtoane efterstânslearlingen. Op dit stuit is dy regeling ûngeunstich, ûnder oaren omdat der in relatyf hege drompel fan 9% brûkt wurdt, wylst de doelgroep ferspraat oer in grut tal skoallen te finen is.

De minister hat al oanjûn dy drompel mei yngong fan it kommende kursusjier te ferleegjen oant 6,4%. Troch in suksesfolle lobby fan benammen de Noardlike provinsjes is der in moasje oannommen, dy 't de minister fersiket om mei yngong fan 2007 de drompel fierder te ferleegjen nei by foarkar 3%. Dy ferleging fan de drompel fan 9% naar 3% smyt it Fryske primêre ûnderwiis mei-elkoar 100 ekstra formaasjeplakken op. It is de fraach at dizze útwreiding fan de formaasje genôch is om de konstataarre efterstân fuort te wurkjen.

Twads giet it om de kwaliteit fan it basisûnderwiis yn relaasje mei de problematyk fan ûnderwiisefterstannen. It op systematyske wize neigean wat de ûntwikkelingen binne op it mêd fan de learprestaasjes kin weardefolle feedback foar de skoallen opsmite.

Út it ûndersyk nei de ûnderwiisefterstannen yn it Fryske basisûnderwiis komt nei foaren ta, dat der by learlingen yn groep 4 gjin sprake is fan efterstannen, wylst dat by de learlingen yn groep 7 en 8 wol it gefal is. As we sjogge nei it lês-Proses, dan liket dat yn de ûnderbou redelik te gean, wylst der njonkelytsen dúdlike oanwizings binne dat de prestaasjes op begripend lêzen yn de boppebou net bêst binne. Sa konstataarre Van Ruijven yn har ûndersyk dat de autochtoane efterstânslearlingen yn Fryslân op it mêd fan Nederlânske taal in efterstân fan 6 moanne en foar rekkenjen in efterstân fan 4 moanne hawwe op it lanlike gemiddelde.

Van Ruijven konstataarre terjochte dat it foar skoallen, skoalbestjoeren en oerheden belangryk is om jier yn jier út beskikke te kinnen oer in oersicht fan relevante gegevens fan it basisûnderwiis, wêrûnder gegevens oer learprestaasjes. De gegevens fan sa'n ûnderwiismonitor litte sjen, hoe't it der foar stiet mei de kwaliteit fan it ûnderwiis, mar meitsje ek dúdlik op hokker aspekten fan it ûnderwiis ferbetterings komme moatte sille. Út ûnderfinings mei it ÛKP docht bliken dat de gegevens fan de Ûnderwiisynspeksje, dy't sammele wurde yn it ramt fan de kwaliteitsûndersiken op skoallen, goed as in prestaasjemeter sjoen wurde kinne. Dit tema is yn haadstik 6 útwurke, omdat de monitor ek gegevens opsmyt om de effekten fan it belied fan skoallen en de Provinsje yn kaart te bringen.

Út de ûnderfiningen mei it Ûnderwiiskânseplan (ÛKP) docht bliken dat troch in systematyske ynset op de profesjonaliteit fan de lokaasjedirekteuren, de tiims en de yndividuele leararen, der in kultuer yn de skoallen ûntstiet, dy't mear op prestaasjes rjochte is. Dit liedt op redelik koarte termyn ta in ferbettering fan de learprestaasjes fan de betreffende skoallen. Dat betsjut dat skoaltiims ynformearre wurde moatte

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

oer harren taak yn it perspektyf fan de kenniseconomy. Leararen die goed op de hichte binne mei dy ûntwikkelings, kinne ek bydrage oan it ferheegjen fan it ambysjenivo fan âlden en learlingen. Wy wolle dizze oanpaste fuortsetting fan it ÛKP projekt foarridich de wurktitel it Frysk Ûnderwiiskânseplan (FÛKP) meijaan. It is de keunst om de ûnderfiningen fan skoallen dy't yntinsyf mei sa'n oanpak wurkje troch te jaan oan de oare skoallen.

It selektarjen fan de spesifike groep skoallen sil fierder bepraat wurde moatte mei de boppeskoalske direksjes en de ûnderwiisynspeksje. De neikommende ynformaasje sil dêr in rol by spylje:

- it persintaazje woegen learlingen;
- de omfang fan de gewichteformaasje;
- it kwaliteitsoardiel fan de ûnderwiisynspeksje;

Fan relatyf autonome skoallen wurdt ferwachte dat sy sels kwaliteitsbelied formulearje en der konsekwint nei handelje. De krêft fan it ÛKP is dat skoallen krekt op dit flak tige systematysk stimulearre en begelaat wurde.

Wy fine it wichtich dat by de organisaasje it kwaliteitferbetteringsprojekt (FÛKP) it skoalbestjoerlik nivo (klústers fan skoallen mei in boppeskoalske direkteur en in skoalbestjoer) as ienheid fan organisaasje nommen wurdt.

Sa kinne benammen de boppeskoalske direksjes it oanstjoeren fan it FÛKP yn it eigen klúster stjoere en begjinne mei de fersprieding fan kennis, praktykfoarbylden, produkten ensfh. oer alle skoallen in it klúster. De selektarre skoallen stelle in ferbetterplan op maat op en krije sadwaande ek in budzjet op maat. Op dizze wize kinne de boppeskoalske direksjes en de lokaasjedireksjes de aktiviteiten yn it ramt fan it FÛKP ôfstimme op dan wol yntegrearje mei aktiviteiten dy't sy sels opsette yn it kader fan it lânlike ûnderwiisefterstannenbelied. By it FÛKP wolle we de provinsjale middels graach safolle mooglik ynsette foar de profesjionalisearing fan de leararen.

4.3 OANPAK

24	<i>In bettere prestaasjekultuer realisearje by in spesifike groep skoallen</i>
----	--

Dit kin op grûn fan it tal woegen learlingen (teldatum 1-10-2005), de omfang fan de gewichteformaasje en de wurdearring fan de ûnderwiiskundige kwaliteit troch de ûnderwiisynspeksje. Het is allyksa tige belangryk dat der troch deskundige begelieders intakepetearen holden wurde oer de stân fan saken op de oanbelangjende skoallen.

Út it ÛKP is dúdlik wurden dat it tige weardefol is om de begjinsituaasje fan de skoallen yn kaart te bringen op de essinsjele diminsjes fan in goede ûnderwiiskwaliteit.

Yn tsjinstelling ta it ÛKP sille de boppeskoalske direksjes as projektlieder fan it eigen skoalklúster by it projekt FÛKP belutsen wurde.

Der sil ek besjoen wurde moatte hokker skoallen út it ÛKP noch in skoftke yn it kader fan dit projekt (Kwaliteitsferbettering Primêr Ûnderwiis Fryslân = FÛKP) begelaat wurde sille. Boppedat moat der in goede metoade fûn wurde om de opbringst fan de skoallen dy 't yn it projekt as "kearnskoallen" meidraaie (yn oanpaste foarm) op in groep "folchskoallen" ta te passen. Foar in goede organisaasje fan dit projekt is de meiwurking fan de boppeskoalske direksjes en de skoaltiims uteraard krusiaal. Ek yn dit opsicht binne de skoalklusters (en kombinaasjes dêrfan) in geskikte organisaasje-ienheid.

Wy wolle derop wize dat de skoallen dy't meidogge oan it FÛKP sa folle mooglik tiid krije moatte foar it formulearjen en útfieren fan har eigen ûntwikkelingsplan. Aktiviteiten op it mêd fan oanstjoeren en evaluaasje moatte kwa administrative lêst foar de skoallen sa leech mooglik holden wurde. Yn it ûntwikkelingsplan jouwe de skoallen teffens oan hoe't sy de gewichtformaasje ynsette.

Wat de ynhâldlike en de ûnderwiiskundige oanpak fan de skoallen oangiet stelle wy út, mei de ymplemintaasjestrategy fan it projekt Ûnderwiiskânsen Fryslân (ÛKP) troch te gean. Skoallen wurde stipe en begelaat om sels har eigen belied op it mêd fan de ûnderwiiskwaliteit te formulearjen, yn de praktyk te bringen, de resultaten dêrfan by te hâlden, dy resultaten te analysearjen en op basis dêrfan it belied by te stellen, dan wol oare tema's fan it skoalûntwikkelingsplan mear prioriteit te jaan. De ienige wiziging dy 't wy mei klam foarstelle is, dat de boppeskoalske direksjes yn dit proses in belangrike rol spylje. Sy kinne û.o soargje foar de fersprieding fan ûnderfiningen mei dit projekt yn de eigen klusters fan skoallen. Op it mêd fan koördinaasje en útfiering leit in belangrike taak by de skoallen sels (tiims, lokaasjelieders en boppeskoalske direksjes) yn gearwurking mei de ynstânsjes dy't de skoallen hjirby begeliede. Foar de regy fan it proses stelle we út te wurkjen mei in amtlike wurkgroep mei fertsjintwurdigers fan de boppeskoalske direksjes, gemeenten, provinsje en de ynstelling(s) dy't de begelieding fan de skoallen fersoargje en in stjoergroep mei fertsjintwurdigers fan skoalbestjoeren, gemeenten en provinsje. Fan út de amtlike wurkgroep soe in sintrale projektlieder him benammen konsintrearje kinne op it besykjen fan skoallen, boppeskoalske direkteuren. De projektlieder kin de stân fan saken op de dielnimmende skoallen yn kaart bringe, ynformaasje jaan en meitinke by it oplossen fan swierrichheden yn de útfiering fan de ferbetterplannen.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

25	<i>Alle Fryske basisskoallen hawwe har eigen belied oangeande it bestriden fan ûnderwiisfeerstannen</i>
----	---

By dy doelstelling giet it om de kearnskoallen en ek oer de saneamde folchskoallen. It giet by dy doelstelling benammen om aktiviteiten dy't de folchskoallen begeliede en stimulearje om dit belied stâl te jaan. Op dit mêd is in belangrike rol foar de boppeskoalske direkteuren yn gearwurking mei de lokaasjedirekteuren weilein. Uteraard sil begelieding troch eksterne ynstellingen en it organisearjen fan stúdzjedagen yn dit ramt fan belang wêze. Wy wolle it ûnderwiiskundige beliedsramt fan ÚKP, mei mooglik winske oanpassings, foar it FÚKP ynsette. De amtlike wurkgroep en de stjoergroep wurde systematysk op 'e hichte holden fan de ûntwikkelings by de dielnimmende skoallen.

4.4 KOSTEN

Wy stelle foar de doelen 24 en 25 in kombinearre budzjet beskikber fan € 500.000,-- foar 2007 ; dernei is der € 810.000,-- it jier beskikber.

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 - 2001
24 25	In spesifike groep skoallen begeliede ta in bettere prestaasjekultuer. Alle Fryske basisskoallen hawwe har eigen belied oangeande it bestriden fan ûnderwiisfeerstannen	2007: € 500.000,-- 2008: € 810.000,-- 2009: € 810.000,-- 2010: € 810.000,--



5. ÛNDERWIIS EN SOARCH: ÛNDERWIISSOARCHARRANGEMINTEN EN DE BREDE SKOALLE

Yn it ramt fan it kwaliteitsbelied fan it ûnderwiis hawwe we oant no ta it taalbelied en de ûnderwiiskundige kwaliteit fan basisskoallen oan de oarder steld. Yn dit haadstik komt it tredde part fan dit belied, learlingesoarch oan bod.

5.1 DOELEN

Yn it ramt fan dit beliedsfjild stribje wy nei it folgjende **haaddoel**.

Yn 2015 heart de soarch foar learlingen yn en om de Fryske skoallen foar basisûnderwiis by de beste en meast effektive kombinaasjes fan ûnderwiis en soarch yn ús lân.

Dit haaddoel hawwe wy yn de ûndersteande trije beliedsdoelen konkretisearre.

- 26 *D: Yn 2015 biedt it Fryske basisûnderwiis oan op syn minst 90% fan syn learlingen ûnderwiis en soarch op maat troch ûnderwiissoarch- arranzjeminten.*
a. WR: Yn 2010 binne de rânebetingsten yn it lânlike beliedsramt op dit mêd sa, dat it primêr ûnderwiis redelik by steat is it belied oangeande ûnderwiissoarch- arranzjeminten út te fieren.
27. *D: Alle Fryske gemeenten hawwe yn 2015 ien of mear brede skoallen realisearre, basearre op in mienskiplike fisys op it realisearjen fan in optimale ûntwikkeling fan de learlingen, by de dielnimmende kettenpartners.*
a. WR: Yn 2010 en 2015 is der by brede skoallen dy't mei troch subsidzje fan de Provinsje opset binne, yn alle gefallen sprake fan in mienskiplike fisys op de optimale ûntwikkeling fan bern.
28. *WR: Yn 2008 is der foar alle basisskoallen yn Fryslân in systeem foar digitale soarchdossiers beskikber.*

5.2 ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

Op it nivo fan de provinsje stean de ynstellings op it mêd fan ûnderwiis, jeugdsoarch, learplicht, polysje, justysje ensfh. foar de opjefte om mei-elkoar ûnderwiissoarch arranzjeminten te ûntwikkeljen, sadat der in prinsipe foar alle learlingen in passend oanbod dien wurde kin en der gjin learlingen, sûnder soarch en ûnderwiis thús sitte. In de notysje "Vernieuwing van de zorgstructuren in het funderend onderwijs" kundiget de minister oan, dat foar alle skoallen in soarchplicht ynfierd wurde sil. Dit betsjut dat de ûnderwiisynstellings en har kettenpartners yn de provinsje Fryslân mei-elkoar oparbeidzje oan in goed wurkjend en kwalitatyf heechwaardich systeem fan ûnderwiis en soarch, sadat safolle mooglik learlingen en har âlden yn 'e mjitte kommen wurde.

De skoallen binne primêr ferantwurdlik foar de útfiering fan dit belied. De Provinsje wol krewearje foar geunstige rânebetingsten foar it primêr ûnderwiis yn it Noarden.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

Op it gemeentlike nivo kin it realisearjen fan in goed systeem fan learlingesoarch oanlieding wêze om yn in gemeente ien of mear **brede skoallen** op te setten. De konkrete oanlieding om in brede skoalle op te setten is uteraard ferskillend. Idealiter soe de oanlieding wêze moatte, dat partijen mei-elkoar fan doel binne om yn te setten op de optimale ûntwikkeling fan de learlingen. Faker is it sa dat de bou fan in nije skoalle de direkte oanlieding is. Ek is it lang net altyd like maklik om alle meast relevante partijen yn de ûntwikkeling mei te krijen. At de brede skoalle der ienkear is, dan bliuwt it op in goede wize bewekjen fan de kwaliteit en goed behear fan de fasiliteiten fan it gebou tige wichtich.

Yn oerlis mei de gemeenten wolle wy it proses fan tarieding en realisaasje fan de gearwurking tydlik stimulearje, yn it ljocht fan in optimale ûntwikkeling fan alle learlingen.

Bij het realisearjen fan brede skoallen is it wichtich gebrûk te meitsjen fan ûnderfiningen fan al funksjonearjende skoallen en fan ûnderfiningen fan gemeenten dy't al de nedige ekspertize op dit mêd opboud hawwe, lykas bygelyks de gemeente Ljouwert. Faaks is it in goed ding om yn it ramt fan de gearwurking mei de FFG hjir strukturele oandacht oan te besteegjen. In dat kader kin dan ek tocht wurde oan oare ynstellings mei ekspertize op dit mêd (it ISM, CMO Partoer, Sardes ensfh.) Yn it ûnderwiis stiet dizze benadering bekend ûnder de term "brede skoalle". De brede skoalle benadering hat neffens Prof. dr. Wim Meijnen trije pylders:

- De ekonomyske pylder: in part fan de âlden ferwachtet fan de skoalle dat de learlingen fan ± 7.30 oant ± 18.30 oere opheind wurde.
- De gedachte fan de "*community*-skoalle": de brede skoalle spilet yn dizze benadering in wichtige rol wat de sosjale kohesie oangiet yn de buert der om hinne.
- De bestriding fan ûnderwiisefterstannen: it bestriden fan ûnderwiisefterstannen freget foar de doelgroep mear ûnderwiistiid en dat is mei kwalitatyf heechwaardige foar- tusken- en neiskoalske opfang klear te krijen.

Yn it ramt fan dizze ûnderwiisnota brûke wy de neikommende, wat beheinde definysje fan in brede skoalle.

In brede skoalle is in skoalle foar primêr ûnderwiis dy't yn alle gefallen it skaaimerik hat trochdat:

- a. de skoalle mei syn kettenpartners op grûn fan in mei-elkoar en breed droegen fisys op de optimale ûntwikkeling fan de learlingen, dy't him manifestearret yn prestaasjes dy 't men- op basis fan de kapasiteiten fan de learlingen – ferwachtsje mei;
- b. de skoalle yntegraal mei de kettenpartners gearwurket om dy optimale ûntwikkeling fan de learlingen foar elkoar te krijen;
- c. de skoalle en de kettenpartners mei-elkoar in slutend soarchsysteem foar elkoar krije.

In part fan de learlingen yn it basisûnderwiis hat (tige) spesjale soarch nedich. Dy soarch is derop rjochte, allegearre beheiningen oangeande it ûnderwiislearproses by dizze learlingen wei te heljen of minder te meitsjen, sadat se optimaal fan it ûnderwiis profitearje kinne. De boppeskoalske direksjes wolle in systeem fan digitale soarchdossiers foar dizze learlingen tagonklik meitsje foar alle skoallen yn Fryslân. It

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

systeem is fia ynternet beskikber en sil ûnderbrocht wurde by de server fan de soarchmonitor/ferwiisyndeks fan de gemeente Ljouwert. Yn de soarchmonitor/ferwiisyndeks kin opslein wurde hokker spesifike foarmen fan ûndersteuning en help soarch- en risikolearlingen krije of krigen hawwe. Foar it proses fan de provinsjebrede útdraai fan it digitale soarchdossier wurdt foar ien kear in bydrage frege fan € 50.000,-- oan de Provinsje.

5.3 OANPAK

26	<i>Soarch op maat troch ûnderwiis-soarch-arranzjeminten</i>
----	---

De Provinsje bringt de partners by elkoar yn in wurkgroep mei it doel in mei-elkoar droegen fisy op de fierdere útbou fan funksjes op it mêd fan ûnderwiis en soarch foar in optimale ûntwikkeling fan learlingen yn ús Provinsje. In dy wurkgroep binne benammen ûnderwiis- en soarchynstellings fertsjintwurdige. De Provinsje rapportearret oer de ûntwikkelingen en knipepunten yn dit projekt oan PS, de fakministers en de Twadde Keamer, mei it doel de ûntwikkelings en mooglikheden yn Fryslân sa goed mooglik yn oerienstimming te bringen mei it lânlik beliedsramt en de foar dizze fernijing beskikbere middels. Wy fine dat der op it mêd fan de útfiering in dúdlike taak leit foar de gearwurkingsferbannen en boppeskoalske direksjes yn it ûnderwiis. De provinsjes Fryslân, Grins en Drinte sille de rezjyrol oangeande de kommunikaasje mei de lânlike polityk op har nimme.

27	<i>Brede skoallen op basis fan in mienskiplike fisy op de optimale ûntwikkeling fan learlingen</i>
----	--


De Provinsje stelt jierliks in budzjet beskikber foar it subsidiearjen fan de kosten fan in koördinator brede skoalle. De Fryske gemeenten kinne foar in troch de gemeente (of gemeenten) oan te stellen "brede skoalle koördinator" oanfragen yntsjinje. De Provinsje ynformearret de gemeenten en it ûnderwiisfjild oer dy mooglikheid. De Provinsje is ree dit proses te stypjen, ûnder de betingst dat de skoaldireksjes en gemeenten soargje foar de lokale koördinatoaren, oanstjoering en rapportaazje.

28	<i>Útdraai fan it systeem fan in provinsjaal digitaal soarchdossier</i>
----	---

In part fan de learlingen yn it basisûnderwiis hat spesjale soarch nedich. Dy soarch is derop rjochte allegear beheiningen oangeande it ûnderwiislearproses by dizze learlingen wei te heljen of minder te meitsjen, sadat se sa goed mooglik fan it ûnderwiis profitearje kinne. De boppeskoalske direksjes wolle in systeem fan digitale soarchdossiers foar dizze learlingen tagonklik meitsje foar alle skoallen yn Fryslân. It systeem is fia ynternet beskikber en sil ûnderbrocht wurde by de server fan de soarchmonitor/ferwiisyndeks fan de gemeente Ljouwert. Wy fine dit yn it ramt fan soarch yn en om de skoalle in weardefolle ûntwikkeling en binne dan ek ree dit proses foar ien kear te subsidiearjen. Wy fertrouwe derop dat de boppeskoalske direksjes soargje foar de koördinaasje en it oanstjoeren fan dit proses.

5.4 KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 – 2001
26	Soarch op maat troch Underwiissoarch arranzjeminten	Gjin ekstra kosten
27	De ûntwikkeling fan brede skoallen stimulearje	€ 400.000,--it jier
28	Útdraai fan it systeem fan in provinsjaal digitaal soarchdossier	Yn 2007: € 50.000,--



Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

6. ÛNDERWIISMONITOR EN ÛNDERSYK

6.1 DOELEN

It haaddoel fan dit tema is yn ús optyk twaliddich

- *Yn 2009 is in provinsjaal dekkend part ûnderwiis yn de lanlike jeugdmonitor klear.*
- *Fan begjin 2007 ôf binne de gegevens fan de Underwiisynspeksje oer de kwaliteit fan Fryske basisskoallen beskikber foar it monitoaren fan Fryske projekten foar kwaliteitsferbettering.*

Ferfolgens fjouwer subdoelen:

29. *WR: Yn 2009 is der in provinsjaal dekkend ûnderdiel ûnderwiis by de lanlike jeugdmonitor klear.*
30. *D: Fan begjin 2007 ôf binne de gegevens fan de Underwiisynspeksje oer de kwaliteit fan Fryske basisskoallen beskikber foar it monitoaren fan Fryske projekten foar kwaliteitsferbettering.*
 - a. *WR: De Provinsje fersiket de ûnderwiisynspeksje om de winske gegevens te leverjen*
31. *D: Fan 2008 ôf ferskynt der om de twa jier in systematysk oersicht fan de prestaasjes fan de Fryske learlingen yn fergeliking mei it lanlike trochsneed en de trochsneed fan de oare provinsjes.*
 - a. *WR: De Provinsje fersiket de ûnderwiisynspeksje om de winske gegevens en fersoarget it oersicht.*
32. *D: Yn 2015 brûke alle Fryske Bernesintra op adekwate wize in ' Bernefolch-systeem".*
 - a. *WR: De Provinsje is geregeld yn petear mei de Fryske gemeenten om te pleitsjen foar it belang fan dit doel.*

It giet hjir om it monitoaren fan learlingprestaasjes, sadat skoallen by steat binne harren prestaasjes te ferlykjen mei de gemeentlike, regionale en de lanlike trochsneed. Op basis fan dy ferliking kinne skoallen neigean, at sy mei har learlingen maksimale learprestaasjes behelje. Op basis fan de konklúzje fan dy analyze kinne sy har kwaliteitsbelied ynsette op de relatyf swakke ûnderdielen fan it "prestaasjeprofyl" fan de skoalle. It is in tige nuttich middel om de prestaasjekultuer te yndisearjen. Op grûn fan de gegevens yn de monitor kin der mooglik fierder ûndersyk dien wurde. Meastal hat it te krijen mei it beäntwurdzjen fan ien of mear foar belied en praktyk relevante fragen. By it monitoaren fan de skoallen is it teffens belangryk oer in tal gegevens oangeande de ûnderwiiskundige kwaliteit fan de skoallen te beskikken. It giet dus om ynformaasje oer de learprestaasjes en de ûnderwiiskundige kwaliteit fan de skoalle. Foar it adekwaat monitoaren fan projekten op it mêd fan de kwaliteit fan skoallen binne gegevens fan beide diminsjes needsakelik.

It spesifyk monitoaren en evaluearjen fan it provinsjale ûnderwiisbeleid komt yn it folgjende haadstik oan bod. Uteraard kinne der ek ûndersykfragen komme, dy 't net mei it materiaal út de ûnderwiismonitor beändere wurde kinne.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

It is no de fraach hoe't dy ynformaasje sammele wurde kin, sûnder de skoallen mei al te folle ekstra administrative lêsten te konfrontearjen.

Om dit foar te kommen hat it doel en sjoch ris, hoe 't skoallen no al ynformaasje leverje dan wol leverje moatte yn it ramt fan kwaliteitskontrôle, want dêr kinne we faaks gebrûk fan meitsje.

Yn dit ramt binne der twa systemen fan it sammeljen fan ynformaasje fan belang.

- A. Yn it foarste plak binne skoallen ferplichte ynformaasje oer de ûnderwiiskundige kwaliteit en de prestaasjes fan learlingen te leverjen oan de Ûnderwiisynspeksje. De ûnderwiisynspeksje hat dizze ynformaasje nedich om periodyk de kwaliteit fan skoallen fêst te stellen. By skoallen fan goede kwaliteit is de frekwinsje fan it kwaliteitsûndersyk relatyf ekstinsyf (1 kear yn it jier of noch minder frekwint). By swakke skoallen wurdt de frekwinsje fan it kwaliteitsûndersyk opfierd. Dy skoallen stean dan ûnder yntinsyf tafersjoch. Út in fierdere analyze fan it beoardielingskader blykt dat de ynspeksjegegevens goed brûkber binne foar it monitoaren fan ferbetterprojekten.
- B. Yn it ramt fan Operaasje Jong hat it Ryk de provinsjes frege om mei te wurkjen oan it ta stân bringen fan in lanlike Jeugdmonitor. By dy jeugdmonitor is ek in part dat it ûnderwiis oanbelanget. Je soenen de ûnderwiismonitor in part fan de jeugdmonitor neame kinne. Yn dit ûnderwiispart sitte benammen administrative gegevens fan de learling, syn eftergrûn en gegevens fan syn ûnderwiiskarriêre. Spesifike prestaasjegegevens (skoare op hifkjen ensfh) wurde net opnommen. Dôchs omfiemet dit ûnderdiel ek wol gegevens dy't foar it monitoaren fan de ûnderwiiskarriêre fan learlingen sûnder mis ynteressant binne, ek út in beliedsmjittige optyk wei. Om't de jeugdmonitor op in breed mêd (sûnens, soarch, ûnderwiis ensfh) gegevens hat en der fan de berte ôf ynformaasje by komt, is it benammen in goed ynstrumint om de ûntwikkeling fan jongeren te monitoaren.

De Provinsje wol de beide ûntwikkelings stypje. Beide boarnen fan ynformaasje binne belangryk, mar yn it ramt fan dizze nota is de funksjonaliteit fan de gegevens fan de Ûnderwiisynspeksje grutter as dy út de jeugdmonitor.

Wy wolle yn it ramt fan dit belied oangeande it monitoaren de gemeenten útnoegje om yn de Foarskoalske Edukaasje (FSE) te ynvestearjen yn de ymplemintaasje fan in saneamd "Bern Folch Systeem".

6.2 ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

Van Ruijven konstatearret terjochte yn har ûndersyk dat it foar skoallen, skoalbestjoeren en oerheden belangryk is om jier yn jier út beskikke te kinnen oer in oersjoch fan relevante gegevens oangeande learprestaasjes. De gegevens fan sa'n ûnderwiismonitor jouwe oan, hoe't it mei de kwaliteit fan it ûnderwiis der foar stiet en hokker aspekten fan it ûnderwiis ferbettere wurde moatte soenen.

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

Yn opdracht fan de Provinsje Fryslân wurket CMO Partoer op dit stuit mei faasje oan it opsetten fan in Provinsjale jeugdmonitor as útwurking fan de lanlike jeugdmonitor.

De Ûnderwiisynspeksje hat yn it ramt fan de Wet op it Ûnderwiistafersjoch (WÛT) in tsjinstferliende funksje foar skoalbestjoeren, âlden en oerheden. Dit docht sy û.o. troch de gegevens fan Periodyk Kwaliteitsûndersyk (PKÛ) op ynternet beskikber te stellen. As soks frege wurdt kin de ynspeksje ek oan oerheden gegevens oerlangje.

Der binne op dit stuit al bepaalde 'bernefolchsystemen', dy't keppele binne oan de "ûntwikkelingsprogramma's". Dy systemen blike te yngewikkeld te wêzen foar de liedsters en dus wurde se net in soad brûkt.

It sil ek nedich wêze liedsters de mooglikheid te bieden harren fierder te profesjonalisearjen yn it optimaal brûken fan ûntwikkelingsprogramma's en it goed brûken fan in "bernefolchysteem". Yn gearwurking mei Grins en Drinte wurdt besjoen at der op dit mêd yn it ramt fan de Noardlike Ûnderwiiswurklist mooglik mei in grutskalich projekt yn it kader fan it nije ESF-program útein set wurde kin.

6.3 OANPAK

29	<i>Yn 2009 is der in provinsjaal dutsen ûnderdiel ûnderwiis fan de lanlike jeugdmonitor klear</i>
----	---

De Provinsje hat in opdracht oan CMO Partoer jûn. It giet om administrative en skoalkarriêregegevens oangeande it PÛ, FÛ, MBÛ, te gau fan skoalle ôf ensfh Der is in wurkgroep by it VFG oerlis kommen. De wurkgroep kin gebrûk meitsje fan de konkrete ûnderfiningen dy't CMO Grins op dit mêd al opdien hat.

30	<i>Gegevens fan de Ûnderwiisynspeksje oer de kwaliteit fan Fryske basisskoallen beskikber foar it monitoaren</i>
----	--

Dit is op amtlik nivo al troch de Ûnderwiisynspeksje tasein. Yn bilateraal oerlis mei de ynspeksje sil dit fierders útwurke wurde.

31	<i>Prestaasjes fan it Fryske basisûnderwiis ien kear yn de twa jier yn kaart bringe</i>
----	---

Yn it ûndersyk nei ûnderwiisefterstannen yn it Fryske ûnderwiis formulearret de ûndersiker it advys om geregeld de learlingresultaten fan it ûnderwiis yn Fryslân yn kaart te bringen en te ferlykjen mei de prestaasjes op lânlik nivo en op it nivo fan referinsjeregjo's.

Dit ûndersyk kin op basis fan de gegevens fan de ûnderwiisynspeksje adekwaat útfierd wurde. Wy sille yn oerlis mei belutsen partijen noch neigean hoe't dit oersicht mei in frekwinsje fan ien kear yn de twa jier útfierd wurde kinne sil.

De Provinsje wol dit proses tegearre mei de Ûnderwiisynspeksje en de boppeskoalske direksjes koördinearje en oanstjoere.

32	<i>Bernesintra brûke in' bernfolchsteem'</i>
----	--

Hjir sil in spesjale wurkgroep foar foarme wurde dy't mooglik stipe wurde sil troch CMO Partoer. Op basis fan de gegevens fan de resinte nulmjitting pjutteboartersplakken sil besjoen wurde at sa'n ûntwikkeling rekkenje kin op genôch draachflak en at it kin, hoe 't dan soks op gong brocht wurde kin.

Wy gean der fan út dat de gemeenten (VFG) dizze aktiviteit koördinearje en oanstjoere sille.

6.4 KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 - 2010
29	<i>Yn 2009 is der in provinsjaal dekkend ûnderdiel ûnderwiis by de lânlike jeugdmonitor klear</i>	Foar ien kear € 100.000,--
30	<i>Gegevens fan de ûnderwiisynspeksje oer de kwaliteit fan Fryske basisskoallen beskikber foar monitoaren</i>	
31	Prestaasjes fan it Fryske basisûnderwiis ien kear yn de twa jier yn kaart bringe	€ 50.000,-- yn de twa jier
32	Bernesinta brûke in bernfolchsteem	Mooglike ynvestearing troch de gemeenten

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

7. EVALUAASJE FAN IT BELIED

7.1 DOELEN

- 33 *WR: Yn 2011 binne de resultaten bekend fan in evaluaasje-ûndersyk, dêr't yn neigien is, hoefolle fan de twa doelen oangeande de kwaliteit fan it basisskoallensrealisearre binne.*
- 34 (31) *D: Fan 2008 ôf ferskynt der om 'e twa jier in systematysk oersjoch fan de prestaasjes fan de Fryske learlingen ferlike mei it lanlike trochsneed en de trochsneed fan de oare provinsjes.*
a. WR: De Provinsje freget de ûnderwiisynspeksje om de winske gegevens te leverjen en fersoarget it oersicht.
- 35 *WR: Fan 2008 ôf wurde de effekten fan it projekt "Frysktalige en twatalige Bernesintra" op de ûntwikkeling fan de Fryske en de Nederlânske taal by jonge bern om de twa jier ûndersocht.*
- 36 *WR: Fan 2009 ôf wurde de effekten fan it Provinsjale taalbelied op it nivo fan it yntegrale taalbelied op de skoallen en de prestaasjes fan de learlingen op it mêd fan de behearsking fan de Nederlânske, Fryske en Ingelske taal om de trije jier ûndersocht.*

7.2 ARGUMINTAASJE / TALJOCHTING

De Fryske Akademy hat yn it ramt fan ÛKP al ûnderfining opdien mei it útfieren fan spesifyk evaluaasje-ûndersyk op dit mêd.

De earste trije doelen leverje benammen ek gegevens op foar it ûnderwiisfjild. Skoallen en bernesintra kinne oan de hân fan de resultaten neigean, at har ynspanningen bettere resultaten jouwe.

De útkomsten fan de ûndersiken, benammen de ûndersiken dy't gearhingje mei de doelen 36 en 37, sille ek brûkt wurde om it Provinsjaal belied en de dêrút fuortkommende aksjes te evaluearjen en mooglik by te stellen.

7.3 OANPAK

33	Útfiere fan in evaluaasje-ûndersyk kwaliteitsbelied basisskoallen
----	---

Wy fine it wichtich om, oanslutend op de ûnderfiningen fan it ÛKP, nei te gean hokker kwaliteitsferbetterings op de skoallen plakfûn hawwe en wat de relaasje fan dy feroaringen is mei de prestaasjes fan de learlingen. Wy fine it tige belangryk, dat der noch ris kritysk sjoen wurdt nei de metoade fan ûndersyk. It is yn ús eagen fan belang dat der in betroubere en yn oansluting op de ûnderwiispraktyk falide wize ynformaasje sammele wurdt oer de essinsjele skaaimerken fan it brûkte kader foar ûnderwiiskwaliteit. Boppedat moat de belêsting foar de leararen en lokaasje-direkteuren sa leech mooglik wêze. Dit ûndersyk giet benammen oer it op prestaasje rjochte belied fan de Fryske basisskoallen. Yn dit ramt is it tige wichtich dat it

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

ûndersyk basearre wurde kin op de gegevens dy 't de ûnderwiisynspeksje fan de oanbelangjende skoallen sammele hat.

De rapportaazje oan DS en PS moat oanslute by it boppesteande. It is fanselsprekkend dat DS en PS de beskikking krije oer de resultaten fan it evaluaasje-ûndersyk. Skoalbesites fan it Kolleezje en de Steaten, kinne ek in goed byld jaan fan de prosessen en de resultaten by de dielnimmende skoallen. De Provinsje is de opdrachtjouwer. Fan út de belutsen ynstellings wurdt in klankboerdgroep gearstald.

34 (31)	Twajierrich oersicht fan learlingprestaasjes yn it Fryske basisûnderwiis
------------	--

Op basis fan dit ûndersyk kinne der gegevens levere wurde foar in skoalle, in skoalbestjoer, in gemeente, in regio, mar der kin ek in totaaloersicht fan de provinsje Fryslân gearstald wurde.

Dit ûndersyk kin op basis fan de gegevens fan de ûnderwiisynspeksje adekwaat útfierd wurde. Wy sille yn oerlis mei belutsen partijen noch neigean, hoe't dit oersicht mei in frekwinsje fan ien kear yn de twa jier útfierd wurde kinne sil.

De Provinsje wol dit proses yn 'e mande mei de ûnderwiisynspeksje en de boppeskoalske direksjes koördinearje en oanstjoere.

35	ûndersyk nei taalûntwikkeling Frysk en Nederlânsk by jonge bern
----	---

Yn in evaluaasje-ûndersyk sil oantoand wurde moatte, wat de resultaten fan ús belied binne oangeande de taalwinning Frysk en Nederlânsk by de belutsen pjutten. Út dit ûndersyk kinne mooglik ek oanbefellings dien wurde oangeande de fierdere ferbettering fan de kwaliteit fan de bernsintra. It ûndersyk kin teffens tsjinje as ferantwurdling oan de minister en de Steaten.

De Provinsje jout dizze opdracht yn goed oerlis mei de VFG en de KAG Frysk FSE. Út de belutsen ynstellings wurdt foar dit ûndersyk in klankboerdgroep gearstald.

36	ûndersyk nei de effekten fan it Provinsjale taalbelied
----	--

Ús belied is derop rjochte, de Fryske skoalle yn it PÛ te stypjen om in goed yntegraal taalbelied te formulearjen en út te fieren. Yn in ûndersyk sil neigien wurde moatte: hoe dit proses op de skoallen ferrint, hoe it yntegrale taalbelied op de skoallen foarm kriget en wat de resultaten dêrfan binne by de learlingen.

Wy tinke oan in ûndersyk dêr't in redelik tal skoallen by belutsen is en dat útfierd wurdt yn de perioade 2008 – 2010. Wy tinke oan in ûndersyk nei de effekten fan konkrete aksjes fan it provinsjale taalbelied (Studio F en de Trijetalige Skoalle) op de taalfeardigens Frysk en it lêsgedrach Frysk by learlingen yn it PÛ. Yn dit ramt wurde de resultaten op de Eintoets Frysk Basisûnderwiis systematysk yn kaart brocht. De Provinsje jout dy opdracht yn goed oerlis mei de KAG Frysk yn it PÛ. Út de belutsen ynstellings wurdt foar dit ûndersyk in klankboerdgroep gearstald.

7.4 KOSTEN

DOEL	AKTIVITEIT	KOSTEN 2007 - 2011
33	Útfiere fan in evaluaasje-ûndersyk kwaliteitsbelied basisskoallen	€ 100.000,--
34	Twajierrich oersicht fan learlingprestaasjes yn it Fryske basisûnderwiis	€ 100.000,--
35	Ûndersyk nei taalûntwikkeling Frysk en Nederlânsk by jonge bern	€ 100.000,--
36	Ûndersyk nei de effekten fan it Provinsjale taalbelied	€ 200.000,--

Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

8. BEGRUTTING

8.1 BEGRUTTING

Yn de tabel op de neikommende pagina binne de budzjetten foar relevante doelstellings yn ienheden fan tûzen euro werjûn. De begrutting hat te krijen mei de perioade 2007 – 2010. De begrutting giet oer de perioade oant en mei 2010. Yn it foarste plak hat dit te meitsjen mei de begruttingssystematyk fan de provinsje. Dêr stiet wol foaroer dat in goede ymplementaasje fan projekten foar ferbettering fan de kwaliteit fan it ûnderwiis (ynklusyf yntegraal taalbelied) altyd meardere jierren ferget. Hjir is sprake fan in langduerich belied dat langere tiid in struktureel budzjet ferget. Dêrneist hawwe we mei klam rekkening holden mei it feit dat de tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer rint oant en mei 2010.

8.2 YNSET

De ynset fan de Provinsje op it mêd fan ûnderwiiskwaliteit yn it ramt fan ûnderwiisefterstannen, ûnderwiis en soarch en de yntinsivearring fan it yntegrale taalbelied hawwe budzjettêre konsekwinsjes, mar hawwe ek gefolgen foar inkele útfierende organisaasjes lykas It Taalsintrum Frysk; ek dêr sil de ynset grutter wurde moatte, om de beëage provinsjale resultaten behelje te kinnen. Wy skatte de kosten foar dy ynset yn op € 194.000,-- it jier.



Underwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006

8.3 OERSICHT KOSTEN (per €1.000)

DOEL	OMSKRIUWING	2007	2008	2009	2010	TOTAAL
1	Ynformearjen oer meartalich grutbringen oan jonge âlden	80	90	100	100	370
2	Materialen, programma's en ICT tapassings foarskoalske perioade	160	145	100	100	505
3, 4	Frysktalige Bernesintra: tanimmen yn oantal en kwaliteitsbewekking	70	85	100	100	355
5	PR en draachflak PO	30	40	50	50	170
7	Netwurken fan taalkoördinatoaren PO	50	35	35	35	155
8	Studio F tv programma's oanskafsubsydzje yntinsive begelieding fan de skoallen	50 450 240	180	180	180	1.280
9	Trochgean mei ûntwikkeljen fan Studio F	30	30	30	30	120
13	Útwreiding projekt Trijetalige Skoalle	45	100	100	100	345
16	Tapasse ICT mooglikheden yn FU	200	200	200	200	800
18	Yntinsivearring fan de begelieding FU	70	70	70	70	280
19	Publisiteit om goede foarbylden FU hinne	25	25	25	25	100
20-23	Kwaliteit Learareoplieding en Foech Frysk Pabû's	52	52	52	52	208
24	Kwaliteitsferbettering basisskoallen	500	810	810	810	2.930
25	Brede ymplemintaasje fan de opbringsten					
27	Koördinaasje fisyfoarming brede skoallen, digitaal soarchdossier	400	400	400	400	1.600
29	Realisaasje Fryske ûnderwiismonitor	100				100
31	Oersicht resultaten ûnderwiismonitor		50		50	100
33	Evaluaasjeundersyk kwaliteit Frysk basisûnderwiis				100	100
34 (31)	Oersicht resultaten ûnderwiismonitor		Kosten	Staan	bij	Doel 31
35	Evaluaasje effekten taalûntwikkeling jonge bern		50	50		100
36	ûndersyk effekten taalbelied Pû		50	100	50	200
	Ekstra formaasje by eksterne útfierders	194	194	194	194	776
	MEI-ELKOAR	2.746	2.606	2.596	2.646	10.594

ûnderwiisnota Boppeslach Provinsje Fryslân, novimber 2006